

juli 80 ~ 83

DOARPSOMROPPER

MOANNEBLED FOAR ALDEGEA EN OMKRITEN

LAATSTE

UITGAVE

3 Jaar lang een "DOARPSOMROPPER" dankzij
de vrijwillige medewerking van onvermoeibare
redactieleden.

Hiervoor onze waardering en dank.

R.I.J.Ö. b.v.

Drachten: Het Anker 7 tel. 05120 - 12468

NU OOK Steenwijk: Tramlaan 5 tel. 05210 - 12225

DOARPSOMROPPER

MOANNEBLED FOAR ALDEGEA EN OMKRITEN



† Reeketúis te Oudea in Smallingelant 1721.

DOARPSOMROPPER

MOANNEBLED FOAR ALDEGEA EN OMKRITEN

Utjouwer:
Drukkerij R.I.J.O. b.v.
Het Anker 7
9206 AL Drachten
Till. 05120 - 12468

Redaksje:
L. de Jong, haadredakteur, It West 8
M. Veenstra-Klasema, Eastersânning 5, till. 2514
Foar it Doarpsomropperke:
C.Bosma, Geasten 1. S. Bouma, Buorren 28A



Y N H A L D:

FAN'E REDAKSJE

Fers
Oan de fakansjelju
Betanke printers
Laatste Doarpsomropper
Beammen
Toskedokter
Doarpsomropper en Grytman

FERIENINGSNIJS

Damclub D.C. "Oudega"
Geachte Dorpsgenoten
Watersnip

IT WITTEN WURDICH

Collectanten gevraagd
Frysk
Frysk en Ingelsk
Ha jo it al heard
Muskusrotten

UT OARE BLEDEN

Vrouw en techniek
Deskundig
Zonnehof
Topless

FAN ALLES WAT

Lekker iten, maklik ree te meitsjen
Homo adidas
Kollekte Hartstichting 1983
Brooddeegfiguren

YNSTJOERD

Ferbettering
Onrust
Ter gedachtenis
Chr. Kleuterschool "De Beukerstins"
Doarpsomropper
Deiboek fen in hiel lyts minskje
De verliefde potschipper
Wie heeft de doarpsomropper vermoord
In memoriam
De Doarpsomropper
Maaie 1983
Aksje I
Aksje II
Bergum, een dorp in de bloei
Prinsehoftocht

SKIEDNIS

Historisch overzicht 1919 - 1959 - 1966
Alde foto's

DOARPSOMROPPERKE



KWATRYN

*Soa, hat dyn buorman dy gemien ferret,
Syn wiif de blomkes wakker bûten set?
Kom, gean yn hûs, myn freon, en slút de doar,
En sneup ris yn dyn eigen jiskefet.*

(Geart Jonkman, De Tsjerne, 1947)



OAN DE FAKANSJELJU

Lokwinske! Jo hawwe foar jo fakânsje it moaiste plakje fan it heitelân útkeazen. Earnewâld mei syn ferneamd wetter- en natuergebiet is in lustoarde, net allinne by 't simmer, mar yn alle tiden fan it jier.


Mar . . . fan natuergeniet allinne kin in minske net libje. Elk fisket op syn tij; wy brûke de gelegenheid om jo der op te wizen, dat 4 km eastlik fan Earnewâld it doarp Aldegea leit. Dat is grutter (1500 ynw.) as Earnewâld en hat mear te bieden. Om te begjinnen: der wennet in dokter (till. 05127 - 1262). Jo kinne de gewoane deistige boadskippen der keapje yn trije winkels. Boppedat is der in slachter, in grientwinkel, twa drankwinkels en in waarme bakker foar farsk bôleguod en brea en foar alles wat de lekkere mûle freget. Fierders is der noch in tekstylwinkel en ek ien foar húshâldlike dingen. En der wenje twa hierknippers, foar froulju en manlju.

En soene jo in mankemintsje krije mei jo auto (of boatmotor), gjin noed, der is yn Aldegea in garaazje (till. 05127 - 1777) mei in pear betûfte monteurs.

It boppesteande sil foar jo, hoopje wy, in oantrún wêze om ris nei Aldegea ta te gean; it sil jo grif net muoie.

En as jo dan dochts yn it doarp komme foar jo boadskippen, dan soene jo teffens de âlde herfoarme tsjerke wol efkes besjen kinne. Dy is it besjen wol wurdich. It is in oerâld dowestiennen gebou út plm. 1100, nei alle gedachten de âldste tsjerke fan Fryslân.

De samlers



WELKOM VAKANTIEGANGERS

Welkom en gefeliciteerd. U hebt voor uw vakantie het mooiste gedeelte van ons land uitgekozen. Het water- en natuurgebied rondom Earnewâld (Ernewoude) is een waar lustoord, niet alleen in de zomer maar in alle seizoenen. Maar . . . van natuorgenot alleen kan een mens niet leven. Daarom nemen wij de vrijheid u te wijzen op het dorp Aldegea (Oudega), dat 4 km ten oosten van Earnewâld ligt. Het is groter dan Earnewâld en heeft u meer te bieden. In de eerste plaats woont er een arts (tel. 05127 - 1262). Voor uw dagelijkse boodschappen kunt u er terecht in drie winkels. Bovendien vindt u er een slagerij, een groentewinkel, twee slijterijen en voor dagelijks vers brood en banket een warme bakker. Verder is er nog een textielwinkel en een winkel voor huishoudelijke artikelen. Bovendien zijn er twee kapperszaken, voor dames zowel als voor heren. Mocht er onverhoopt iets aan uw auto (of bootmotor) mankeren, geen nood, er staat in Aldegea een garage (tel. 05127 - 1777) met een paar zeer bekwame monteurs.

Wij hopen, dat het bovenstaande voor u een reden zal zijn om een bezoek aan Aldegea te brengen. U kunt het zowel met de auto als met de boot bereiken. En als u dan voor boodschappen in het dorp komt, dan zou u ook wel even de fraaie oude hervormde kerk kunnen bezichtigen. Die is echt wel het be-



zichtigen waard. Het is een oeroud tufstenen gebouw uit plm. 1100 en het is waarschijnlijk de oudste kerk van Fryslân (Friesland).

De redaktie

WILLKOMMEN VEREHRTE FERIENGASTE!

Willkommen und herzliche Glückwünsche. Sie haben sich als Urlaubsort den schönsten Teil unseres Landes ausgewählt. Das Wasser- und Natuurgebiet um Earnewâld (Ernewoude) herum ist eine wunderschöne Gegend, nicht nur im Sommer, sondern auch in den anderen Jahreszeiten. Aber . . . nur vom Naturgenuss kann ein Mensch nicht leben.

Darum sind wir so frei Sie auf das Dorf Aldegea (Oudega) aufmerksam zu machen, das 4 Km östlich von Earnewâld liegt. Es ist grösser als Earnewâld und bietet Ihnen mehr. Erstens wohnt dort ein Arzt

(Ruf: 05127 - 1262). Für Ihren tagtäglichen Bedarf an Lebensmitteln gibt es drei Läden. Überdies befindet sich dort eine Metzgerei, ein Gemüseladen, zwei Spirituosenhandlungen und für Brot und Backwaren eine Bäckerei. Weiter finden Sie noch eine Textilienhandlung und ein Haushaltswarengeschäft. Überdies gibt es zwei Frisöre, sowohl für Damen als auch für Herren.

Wenn Sie unverhofft einmal Panne hätten an Ihrem Wagen (Oder Bootsmotor), haben Sie keine Sorge, in Aldegea helfen Ihnen die fähige Monteure einer Garage (Ruf: 05127 - 1777).

Wir hoffen, dass Obenstehendes für Sie ein Grund sein wird auch einmal das Dorf Aldegea zu besuchen. Sie können es sowohl über Land als auch über Wasser erreichen. Und wenn Sie sich dann entschlossen haben um dieses Dorf einmal mit einem Besuch zu verehren, dann könnten Sie zugleich auch einmal die sehr schöne alte Reformierte Kirche des Dorfes besichtigen. Bedauern werden Sie es sicherlich nicht. Es ist ein uraltes Gebäude von Tuffstein und stammt aus dem Anfang des 11. Jahrhunderts. Wahrscheinlich ist diese Kirche die älteste Frieslands.

Die Schriftstellung



DEAR HOLIDAYMAKERS

We bid you welcome and we would like to congratulate you because you have chosen the most beautiful district of Fryslân (Friesland) to spend your holidays. The natural scenery of Earnewâld (Eernewoude) with its rivers, lakes and canals is a feast for the eyes, not only in the summer months but in all seasons.

But, as you know, one cannot live on air or beautiful surroundings. Therefore we would like to draw your attention to the village of Aldegea (Oudega) which you can find 4 km east of Earnewâld. Aldegea is bigger (1500 inhabitants) than Earnewâld and has much to offer. First of all there is a general practitioner in the village (telephone 05127 - 1262). For your daily shopping you can be served three grocery shops where you can find food-stuffs of all kinds. Besides these shops Aldegea has a butcher's shop, a greengrocer's, two licensed victualler's and for new bread and cakes there is a bakery. Furthermore there are a drapery and a shop where you can buy household articles. Last but not least we would like to point out to you that you can change your style of hairdressing in two of the finest hairdresser's saloons.

If unfortunately, you should run out of luck with your car or boat, please do not hesitate and call the local garage (telephone 05127 - 1777). A number

of the best qualified mechanics are ready to help you.

And if you should pay a visit to Aldegea, for whatever reason, please do not forget to have a look at the ancient Reformed Church; it is worth the trouble. This church was built approximately in A.D. 1100 and it is probably the oldest church in Fryslân.



The editors

BETANKE, PRINTERS !

No 't wy alles reemeitsje foar de alderlêste útjefte fan 'e Doarpsomropper wolle wy ek en benammen in wurd fan tank rjochtsje oan it adres fan 'e printster fan it blêd, oan printerij R.I.J.O. dus. Want dêr hawwe se de útfiering, de oanklaaiing fan 'e Doarpsomropper fersoarge. En it mei wolris sein wurde, se hawwe der dêr in merakelsmoai blêd fan makke, it kin besjen lije, hear. Sûnder opsprekkerij kinne wy sizze, dat ús Doarpsomropper ien fan de moaiste, alteast wat de typografy oanbelanget, doarpsblêden fan Fryslân is. Yn oare plakken wiene se wolris wat oergeunstich op ús as wy mei de Doarpsomropper op it aljemint kamen en wy koene ús dat skoan begripe. De Doarpsomropper kypt der út.

En no binne wy dan oan 'e ein fan 'e reed. Direksje en meiwurkers fan printerij R.I.J.O.: tige betanke foar al dy skoandere nûmers fan de Aldegeaster Doarpsomropper.

De redaksje

LAATSTE DOARPSOMROPPE

Helaas moeten we hierbij meedelen dat dit de laatste Doarpsomropper is. Net nu het blad leuk begint te worden doordat ook particulieren regelmatig copy inleveren, zijn we genooddaakt om ermee te stoppen. En wel om puur financiële redenen, die een oorzaak vinden in het niet meewerken van de Oudegaaster Middenstand. We hadden enkele zeer trouwe adverteerders hier uit het dorp en omgeving, maar dat was niet genoeg. Daarom zijn we omstreeks januari begonnen om maandelijks bij alle winkeliers langs te gaan om te vragen of ze ook in het dorpsblad wilden adverteren. Dit heeft nota bene maar 1 vaste adverteerder opgeleverd plus nog een paar incidentele advertenties. Maar nu de Grietman met een maandelijks advertentieblad op de proppen komt, hebben deze adverteerders al laten weten niet meer mee te willen werken. Dus samenwerken schijnt in dezen niet mogelijk te zijn. Maar wat hebben de Oudegaasters nu voor belang bij nog een advertentieblad, dat bij het gros toch zo in de prullemand verdwijnt. Dhr. Henk Herder heeft getracht me zijn standpunt (en die van de adverteerders) uit te leggen, maar zelfs nadat de eerste boze reactie wat was gezakt, kan ik het begrip nog niet opbrengen. Want waarom wel ad-

verteren op een blad, en niet in de omroeper? En uit reacties van diverse inwoners blijkt dat de omroeper graag gelezen wordt. Maar de tegenstellingen schijnen zodanig te zijn dat samenwerken niet mogelijk is, van hun kant tenminste niet. Het is erg jammer dat Oudega daarom zijn dorpskrant moet missen. Ik ben erg teleurgesteld over deze gang van zaken. Hierbij wil ik nog alle trouwe adverteerders hartelijk danken voor hun medewerking aan de Doarpsomroeper.

Marian Veenstra

BEAMMEN

De lêzers fan 'e Doarpsomroeper sille noch wol witte, dat der likernôch in fearnsjier lyn yn it blêd in oantrún stien hat om beammen te plantsjen yn en om ús doarp. Der waard doe oan Doarpsbelang frege om it idee oer te nimmen en út te wurkjen. De redaksje hat der doe spitigernôch gjin respons op krige. Spitigernôch, want op dat stuit wist de redaksje al, dat se op it ministearje dwaande wiene om in beamplantplan te meitsjen. Dat koe doe net yn 'e Doarpsomroeper setten wurde, it wie noch net iepenbier. As Doarpsbelang doe efkes kontakt lein hie mei de Doarpsomroeper, dan hie der múnling wol wat oer sein wurde kind. Aldegea hie dan faaks as earste mei in beammeplan op it aljemint komme kinnen. No (en "no" is de wike foar de Pinksterdagen) hat it plan fan it ministearje yn alle kranten stien. Wy sille wol gjin earste mear wurde kinne, mar dat hoecht fansels net te betsjutten, dat it beamplantsjen yn en om ús doarp oergean moat.

d. J.

TOSKEDOKTER?

Der sille sachts wol mear minsken yn ús doarp wenje, dy 't harsels wolris ôffrege ha, wat ik mysels ek wol ôffreegje: soe der yn Aldegea in toskedokter bestean kinne? My tinkt, it moat sawat kinne, net? Ys doarp hat ryklik 1500 ynwenners en in toskedokter dy 't hjir te uzes in praktyk opsette soe, kin sachts der op rekkenje, dat er ek pasjinten krijt, dy 't net yn mar om Aldegea hinne wenje, út Earnewâld bygelyks, mar grif ek út Nijegea, en fan 'e Eibertsgeasten. Soe it kinne? Moat der wurk fan makke wurde?

As it kin, dan liket my de baas ta dat wy besykje te krijen:

- a. in froulike toskedokter, dy 't in man of freon hat mei in baan; sy soe dan stadichwei in praktyk op- en útbouwe kinne;
- b. in manlike toskedokter, dy 't in frou of freundinne hat mei in hiele of heale baan. Hy soe dan ek yn alle rêst syn praktyk opbouwe kinne.

Ik soe sizze, tink der ris oer nei, lêzers, praat der ris mei elkoar oer. As der wat yn sjoen wurdt, soe Doarpsbelang de suggestje faaks oernimme en ta in goed ein bringe kinne. As der in toskedokter komme kin, tink der dan altyd om, dat de wurkleazens yn Fryslân heger is as yn oare provinsjes.

d. J.

Fan dwaan wurdt men wiis, sei domeny, en hy smiet syn wiif ta it sliepkeamersfinster út om har it fleanen te learen.



Rijwielen o.a. GAZELLE en UNION.

De vanouds bekende SMID
van OUDEGA met een
nog echt open vuur.
Tel. 05127 - 1536.

**A.J. WELLING
BUORREN 18
OUDEGA**

OMROPPER EN GRYTMAN

Dit is, bêste lêzers, it lêste numer fan 'e Doarpsomropper dat jim yn 'e bus krije. It is út, it is dien mei de omropper. Jimme krije no fuortoan, haw ik begrepen, in Grytman yn 'e hûs.


Hy hat syn bêst dien, dy omropper. Mar och, omroppen is mar in needrich, mar och sa nuttich wurkje en in omropper en dan benammen in doarpsomropper is mar in gewoan mantsje. Hy brocht it nijs ûnder de minsken, fan de oerheid, fan tsjerke, fan partikulieren. Mar, lykas alle gewoane mantsjes, hy kin hjeljûn, ûntslach, krije. En dat hat er no krige.

In grytman, dêrfoaroer, wie net in gewoan mantsje en dy hie net in needrich baantsje. In grytman, dat wie de hegerein. Se wennen middenmank it gewoane folk, mar hearden dêr net ta. Demokraten wiene it yn 'e fierste fierte net. Hja hiene hiel wat macht, mar begearden hieltyd mar mear. Troch ûnderdúmsk gewrot, kûperij neamde it folk dat, slaggen se der ornaris aardich yn. Sa 'n man oan 'e kant sette, dat foel neat net ta, in grytman wie gjin omropper.

Wa 't dat wol, mei der symbolyk yn fine. De omropper fuort, mar de grytman bliuwt.

d. J.

FERIENINGSNIJS



DAMCLUB D.C. "OUDEGA"

Inmiddels is de damcompetitie afgelopen. Op 26-4 werd de laatste bekerwedstrijd gespeeld tegen Suameer 1A. Hier wisten onze jongens nog een gelijk spel 4-4 te behalen, maar nu werd er aan bord 1 verloren zodat ze moesten afhaken.

Volledige uitslag:

Oudega 1A	- Suameer 1A	
1. He. Jonker	- P. Elzinga	0 - 2
2. F. Kooi	- J. Algra	1 - 1
3. Joh. de Graaf	- W. Bloemhof	1 - 1
4. L. Houwink	- G. Algra	2 - 0

		4 - 4

Op 29 april werd de laatste clubavond gehouden met een feestelijk tintje. Met leden en hun vrouwen en ouders van jeugdige leden werd een gezellige avond gehouden. Onder voorzitterschap van O. Kooi werd eerst de gewone agenda afgewerkt zoals: verslag secretaris, penningmeester en bestuursverkiezing.

AUTO- en MOTORRIJSCHOOL

W. PIJL

Foareker 27 - 9247 AA URETERP

Tel. 05125 - 2151

Haal uw rijbewijs:

in schakelauto B.M.W.

in automaat Renault

op één onzer motoren Honda

U bent bij ons niet
een hele morgen of middag van huis,
maar slechts 2 uren ! ! ! ! !

Elke week theorieles
URETERP
HEMRIK
DRACHTEN
SURHUISTERVEEN

In plaats van U. Tjeerdsma werd G. Tjeerdsma in het bestuur gekozen. Daarna werden de prijzen uitgereikt aan de jongste jeugd door G. Tjeerdsma. Kampioen was Aalzen Wijma, die ook de jeugdwisselbeker, van en door kapper Pruiksmas, werd uitgereikt. 2e was Wietse Jelsma, 3e Gjalt Jan v.d. Lei en de 4e prijs was voor Sjonnie Toering. Hierna was de beurt aan Joop de Graaf die de prijzen uitreikte aan zijn jeugdploeg. Na spannende partijen werd Reinder Jelsma (met 1 punt voorsprong op Cor Tjeerdsma) de kampioen bij de oudere jeugd. P. Toering die 3e werd, had lang de leiding gehad, maar moest op het laatst zijn meerdere erkennen in Reinder en Cor. Hierna deelde O. Kooi de andere prijzen uit aan de senioren. In groep II was M. Tjeerdsma 1e geworden, P. Feddema 2e en J. Jansma 3e. In groep I werd F. Kooi de nieuwe clubkampioen met 25 punten uit 16 wedstrijden. Henk Jonker werd 2e en Joh. de Graaf wist de 3e plaats te behalen. Verder werd er nog een verloting gehouden. De prijzen waren door de leden belangeloos beschikbaar gesteld waarvoor nog hartelijk dank. De avond werd

koos bakker

KLEERMAKERIJ

DRACHTEN

Ook het adres voor al uw
ruiterkleding en toebehoren
van het wereldmerk "PIKEUR"

Moleneind 44, tegenover Elmar

Tel. 05120 - 31533

b.g.g. 05120 -12516

Stoppage verzorgen wij ook voor u.

Tevens reparatie-inrichting voor alle
lederwaren (tuigen, halsters)
en ook voor het opstoppen van uw zadel.

verder gevuld met een aangeklede bingo en een levend
ganzebord wat goed in de smaak viel. Nadat de voor-
zitter de avond had gesloten was er nog gelegenheid
voor een drankje en een dansje, onder muzikale
leiding van kapper A. Pruiksmā, waarna ieder voldaan
huiswaarts keerde.

P. F.



GEACHTE DORPSGENOTEN

Het is alweer een hele tijd geleden dat u iets van de
Oudegaaster drumband hebt gelezen in de Doarps-
omropper. Onze instructeur Roel Zeilstra moest
wegens ziekte ophouden met les geven in Oudega.
16 jaar heeft Roel voor de drumband gestaan. We
moeten dus omzien naar een andere instructeur.
Tot die tijd heeft Kees de Vries de leiding. Graag
zouden wij zien dat zich nieuwe leden melden. Mo-
menteel zijn er nog 10 drummers en dat is veel te
weinig. Dus jongens en meisjes, ben je 10 jaar of
ouder, wordt dan lid van de drumband en probeer
met ons weer een goede ploeg te vormen waar Oudega
trots op kan zijn.

Je kunt je opgeven per telefoon bij Neeltje Ooster-
hof tel. 05117 - 9220 of op maandagavond van 7.30
tot 9.00 uur in 't Miensker. We hebben vakantie
van 11 juli tot 22 augustus.

Het bestuur van de
Drumband "Looft den Heer"

*Arbeidzjen, sei de man, ik bin der sljocht om!
Oeren kin ik der nei stean te sjen.*



**UW
makelaar**




makelaarskantoor R. WIJMENGA b.v.

**makelaar en taxateur
in onroerende goederen**


lid MCC

**noordersingel 9
bergum friesland
telefoon 05116 - 1757**



WATERSNIP (Fr. Waarlamke of Wettersnip)

De watersnip was vroeger een algemeen voorkomende broedvogel in Friesland. Maar de laatste jaren is hun aantal sterk achteruit gelopen. Vermoedelijk speelt ook de lagere waterstand in veel polders hierin een rol. Maar ook op plaatsen waar ze nog wel goede levensomstandigheden hebben, zijn ze toch vaak in aantal sterk afgenomen. Als broedvogel geeft de watersnip een voorkeur aan drassige weilanden en moerassen, het liefst veengrond met een losse bodem. Hun snavel is daar ook geheel op aangewezen, want die is nogal zacht en flexibel, wat het voedsel zoeken in hardere droge grond bemoeilijkt. Net als de meeste weidevogels broedt de watersnip al vroeg in het voorjaar, soms begint hij al met zijn legsel in de laatste dagen van maart. Hun levenswijze is nogal verborgen en zelden zal men een snip op de grond waarnemen. Meestal zoeken ze dekking in een greppel of in een slootkant en gaan bij gevaar vaak pas op het laatste moment zig-zag vliegend er vandoor. Maar in de broedtijd verandert hun gedrag en laten ze zich vaker waarnemen en dan vooral het mannetje. Vaak zien we hem dan op een paaltje staan terwijl hij zijn bekende roep laat horen tjek-tjek-tjek. Dan kunnen we hem ook vaak goed bekijken. Wat dan het meest opvalt is zijn lange snavel die in verhouding met zijn



gedrongen gestalte en korte nek veel te lang schijnt te zijn. Merkwaardig is ook de baltsvlucht van de watersnipman boven zijn broedgebied. Hij laat dan een geluid horen dat sterk doet denken aan het blaten van een lammetje. Vooral als het weer afkoelt of als de wind naar het noorden draait laat hij zich graag horen, vandaar ook zijn Friese naam (waarlamke). Dit geluid wordt veroorzaakt door de


beide buitenste staartpennen. Doordat de vogel schuin naar beneden vliegt meerdert hij vaart, dan zet hij de buitenste staartveren uit, die maken dan een trillende beweging. In de herfst en het vroege voorjaar, ook in zachte winters zien we vaak meer snippen dan in de zomer. Soms hele troepjes van 20 of meer. Dat zijn dan meestal trekvogels, vermoedelijk uit noordelijke of oostelijke richtingen afkomstig. Hoewel alles nog lang niet bekend is van de watersnip, trekken vermoedelijk onze watersnippen in de winter naar zuidelijke streken.

G. Elzinga

EEN VERTROUWD ADRES

voor al Uw verf-, glas- en behangwerk,
zowel binnen als buiten, onderhoud en
nieuwbouw, met als vanouds (reeds 40 jaar)
KWALITEIT en SERVICE

de Vries



Schilders, Behangers, Glaszetters

BERGUM – Tsj. Geartsstrjitte 16,
tel. 05116 - 1341-2078

- * Speciaalzaak voor verf, glas en behang *
- * Ook voor moderne wandbekleding *
- * Kom en kijk in onze grote showroom *

IT WITTEN WURDICH

COLLECTANTEN GEVRAAGD

Net als vorig jaar houdt het D.F.N. (Diabetes Fonds Nederland) ook deze zomer weer een landelijke collecte, in de week van 4 t/m 10 juli. Het geld is bestemd voor wetenschappelijk onderzoek op het gebied van Diabetes Mellitus (suikerziekte). Als u mee wilt helpen collecteren in Oudega, neemt u dan z.s.m. contact op met: Hennie de Bruin, Roundeel 5, Oudega, tel. 1570.

FRYSK

Ik haw in WRAT op 'e finger. Men heart dat wurd gauris sizzen, ek wol troch minsken dy 't ornaris aardich geef Frysk prate. By in wurd as WART, want dat is it yn it Frysk, begjinne se dan te wifkjen, se kenne it Hollânske wurd WRAT en dan tinke se, dat it yn it Frysk wol ferkeard sein wurde sil.

Ingelsktaligen bruke it wurd ek, WART sizze se. De stavering is dus gelyk as yn it Frysk, de útspraak net. De Dútskers hawwe it oer DIE WARZE en bedoele dêr itselde mei. Yn Ingelsk, Dútsk en Frysk komt dus earst de a en dan de r. Wy sille wol oannimme meie, dat it yn it Hollânsk eartiids ek sa west hat; yn Nederlânske dialekten wurde noch de wurden WOERT, WERT en WORT brûkt. De a en de r hawwe yn Hollânsk fan plak wiksele. De taallju hawwe dêr in wurd foar: metathesis.

It hiele ferhaal komt dus hjir op del: wa 't yn it Frysk WART seit seit it goed, WRAT is Hollânsk.

FRYSK EN INGELSK

Jim hawwe it moai wis ek al lêzen yn 'e krante: fan 1 aug. 1986 ôf moatte de bern op 'e basisskoalle ek Ingelsk leare. Dat is in goed ding fansels, want mei Ingelsk komt men fier.

Der wurdt yn 'e skoallen in soad energy, tiid en jild spansarre om de bern Hollânsk te learen in taal dêr 't men in bitter bytsje mei kin. Soe 't net folle better wêze, as wy it Hollânsk mar ôfskaften en al dy tiid ensfh. brûkten om goed Ingelsk te learen. De bern soene dan twa talen goed leare moatte, har eigen memmetaal, Frysk en Ingelsk. De memmetaal kinne wy dan brûke yn eigen taalfermidden, it Ingelsk as wy de wrâld yn geane. Want mei Ingelsk komt men fier, mar mei de memmetaal komt men djip. Yn oare provinsjes soene se itselde dwaan kinne.

De klacht, Fryslân is sa lyts, heart men gauris. Mar it is net dy lytsens, dy 't ús behinderet diel te hawwen oan 'e wrâldkultuer, it is dat Nederlân sa lyts is. Nederlân is it sket, dat ús folk it frije útsjoch oer de wrâld benimt, de Hollânske taal en it Hollânske ûnderwiis binne ús eachlapen. Ynstee fan fan 'e bernejierren ôf kunde te krijen oan in wrâldkultuer, troch kommunikaasje yn in wrâldtaal, it Ingelsk, dat ús sib en nei is, ynstee dêrfan wurdt ús jongfolk fan 'e earste skoalbanken ôf opsletten yn it benypte Hollânske taal- en kultuerfermidden. Sûnder de Hollânske skoalle, sûnder de Hollânske amtnerij, de Hollânske tsjerke, de Hollânske partijen en kranten en radio en tillefyzje — folslein oerstallige en skealikê dingen foar Fryslân — koene de doarren en finsters wiid iepen nei de hiele wrâld.

d. J.

U zit goed met een auto van een vertrouwd bedrijf.

VERKOOP NIEUWE EN
GEBRUIKTE AUTO'S
(inruil mogelijk)


Reparatie ALLE
merken auto's,
eventueel tractors



Verkoop diverse accessoires
zoals:


- * autoradio's
- * mistlampen
- * sleepkabels
- * wegenkaarten
- * etc., etc.

Bij de BOVAG-vakman bent u zeker!



D. VISSER

GARAGEBEDRIJF



Gariperwei 2 – 9216 VK Oudega (Sm.)

Pomp geopend van 07.30 tot 18.30 uur

HA JO IT AL HEARD?

Ha jo it al heard? Ja, fansels. Amsterdam hat in nije boargemaster krige. In Amsterdammer en dat is mar moai foar Amsterdam. Brabân hat in nije kommissaris krige, Dries van Agt, in Brabander. Is dat net prachtich foar dy Brabanders?

Mar no moatte jo ek noch ris efkes neigean hoe 't it hjir te uzes om en ta giet. Noch net lang ferlyn moast Smellingerlân in nije boargemaster ha. En wer kaam er wei? Net út it eigen gea, net fan eigen folk. Fryslân hat ferline jier in nije kommissaris krige. Is it in Fries? Jo witte wol better, tink.

Wat soene se dêr yn Den Haach dochs fan ús yn it "hoge noorden", tinke? Dat wy allegear in slach mei de moalsek hân ha en learmasters fanneden binne? Of soene se miene, dat wy gjin kultuer ha en stjoere se dêrom wat rânestedske kultuerridders op ús ôf?

It wurdt tiid, dat Fryslân (wer) selsbestjoer krijt.

d. J.

*Goed beslein, sei Auke skipper, it skip ferlern
mar it easfet behâlden.*

MUSKUSROTTEN

Polderbestjoerders, ja alle wetterskipslju, krije nachtmerjes as se jûns op bêd lizze te tinken oan Ondanatra zibethicus, dat is yn gewoane taal: de muskusrôt, ek wol bisamrôt neamd. Dy bisten hearre hjir eins net, it is in wetterbewenner út N. Amerika, mar fokkers hawwe de dieren om it feltsje, de pels, nei Europa oer brocht. Mar der ûntkamen in stikmannich út in fokbedriuw en doe begûn it lijen. De bisten fielden har hjir wûndergoed thús en wreiden har hurd út. En no binne der al safolle, dat der alle dagen in legerke rottejagers op 'en paad is om de dieren te fangen. Mar dêr is gjin begjinnensein oan, der komme hieltyd mear en ferniele dat se dogge! Se ûndergrave polderdiken byg. en yn ús wetterryk lantsje kin dat gefaarlik wurde.

Soe 't sa stadichoan net de heechste tiid wurde om fuortoan hiel lief en aardich en beleefd te wêzen foar murden, harmelingen en wezelingen? Dat binne stik foar stik brutale rakkerts dy 't wol in bisamrôt oan doare. As wy dy lytse rôfdieren no tenei ris net mear dea slane sadree 't wy se sjogge om se dan op te setten en op ús skoarstienmantels te pronk út te stallen, dan kin dat folkje ús moai helpe yn ús blykber hopeleaze striid tsjin de muskusrotten. Wy sille dan wol wat mear muoite dwaan moatte om ús hinnen wat ekstra te beskermjen.

d. J.


**Yn Aldegea binne de gas-rekkens it alderleechst,
Want de kwaliteit fan de slachter is dêr it alderheechst.
Dat fleis is samar gear, hoecht dus mar krekt oer 't fjoer,
En it is foar dat soarte, net in stoer te djoer.
De moaiste, jongste kij, dy meie se dêr noch slachtsje,
En de kwaliteit is sa goed, men kin net better ferwachtsje.
Mar bin' jo âld, of siik, of kin' jo 't sels net helje,
Twa kear wyks bringe wy 't bylâns, jo kin' dus rêstich belje.
Jo hoege ek net troch de snie of kâlde rein,
Want wy besoargje ek yn Burgum, Nijegea en De Pein.
Dus wat let jo, krij foar 't gemak de telefoan,
En wy bringe 't moaiste guod wol by jo oan.
Foar 't fijnste fleis dus of in stikje rikke-spek op brea,
Nei Oeds Pietersma, slachter te Aldegea.**

Slachterij Oeds Pietersma



**Aldegea (Smell.),
Sânbuorren 19,
tel. 05127-1241,
wenhûs 05127-2456**





Sportief maar zeker ook modieus jack met een leuke
kleurige mouwinzet. De kraag heeft een aksentuerende
kleur. Uitstekende kwaliteit van 100% katoen.
f 159,-.

NAGEL



UT OARE BLEDEN

VROUW EN TECHNIEK

Vrouwen zijn vrouwen en technologie is technologie "and never te twain shall meet", zo zouden we Kipling kunnen parafraseren. Maar er komt verandering in. Meisjes blijken helemaal niet minder aanleg voor techniek te hebben dan jongens en het is, aldus de Duitse ingenieursvereniging VDI, zonde om de helft van het technisch-wetenschappelijk potentieel te laten liggen.

(De Ingenieur)

DESKUNDIG

En één van de commissieleden vroeg of dat in de staten niet eens zou kunnen worden verduidelijkt door een juridisch geschoold deskundige. Gedeputeerde W. Don weerde dat af met een zin, die dient te bekliven.

Hij sprak: "Het is geen gewoonte dat in de staten deskundigen het woord voeren".

(Prov. Zeeuwse Crt.)

ZONNEHOF

Zonnehof 8.

"Er zit muziek in de toren", tentoonstelling van torens, klokken en bejaarden, tot 24 mei.

(Toeristenkampioen)

TOPLESS?

S.G.P.'er K. v.d. Meij zag het wel heel donker in. "Als je topless toestaat, dan zal men weldra ook naakt over het strand lopen. Van het karakteristieke van Katwijk blijft weinig over". Burgemeester C.A. Bos was van mening "dat getracht moet worden het zoveel mogelijk mensen naar de zin te maken. Een proeftijd van bijv. een jaar is zeker te overwegen. Je moet wel gaan werken met duidelijke borden. De mensen zijn vindingrijk, als je bijvoorbeeld het bord zou plaatsen van de dame met de BH in de hand en er is een badgaste die haar BH aantrekt en haar slipje uit doet, dan mag dat. Voor alles wil ik duidelijke bepalingen hebben".

(Katwijk Post)

Dekhengst Lullwater overleden.

(De Telegraaf)

De verdachte werd zaterdagochtend door toevallig passerende politiemensen betrapt bij een poging tot verkrachting van een 30-jarige vrouw in een steegje aan de Nieuweweg. Omwonenden reageerden niet op het gillen van het slachtoffer. Volgens de vrouw was er alleen iemand naar buiten gekomen met de vraag of het wat zachter kon.

(Nieuwsblad v.h. Noorden)

* BOEKEN

* POCKETS

* TIJDSCHRIFTEN

en

ALLES WAT SCHRIJFT

EN BESCHREVEN WORDT

* HANDELS- EN

VERENIGINGS-

DRUKWERK

* FAMILIE DRUKWERK

één dag service



BOEKHANDEL

DRUKKERIJ

"DOEVENDANS" "DE MOTOR"

Uitg. "Bergumer Courant"

Lageweg 4 - Bergum - Tel. 05116 - 1201

JEUGDIG COMPLET

In soepele jersey-
crêpe polyester.
Maten: 42 t/m 52.
Superprijs
in grote maten

109,-



NAGEL

SCHOOLSTRAAT 5 - BERGUM



Hawwe jo in frieskast of -kiste?
En wolle jo der graach poerbêst bôleguod yn ha?

SKILJE US DAN EFKES

Wy komme moandeis en tiisdeis mei bakkersguod
yn Aldegea
Wy hawwe no ek waddenbôle, zonder vet
puur natuur

Waarme Bakker

J. JELSMA

Boarnburgum

Tillefoan 05126 - 1215

FAN ALLES WAT

HOMO ADIDAS

Der wurdt sein, dat yn 'e Oltterterper en Sweachster bosken blêden en nuddels fan 'e beammen rûgelje. Soer reinwetter, seit men, soe de oarsaak wêze. De yndustry, seit men, soe de skuldige wêze. En de lêste tiid wurdt der mei in beskuldigjende finger wiisd nei guon buorkerijen.

It wol my mar min oan. Op ien fan dy tin siedde moaie maaiedagen kuiere ik okkerjûns om in oere of sân yn 'e Sweachster bosken. It wie in merakelsmoaie jûn, boppe my seach ik blauwe loft en griene blêden, oeral om my hinne kwinklearden en tielierden de fûgels. En wat in ferskaat fan grien!

Ynienen hearde ik tusken de fûgellûden in oar lûd: it stampen fan fuotten of poaten op 'e grûn. Wolven! tocht ik en ik fleach efter in grouwe ikebeam, wylst my in pear rigels út in ferske fan drs. P. troch de holle skeaten. Om te laitsjen, fansels, wolven yn 'e Sweachster bosken! It stampen waard lûder, it kaam tichterby en ik hearde ek hymjen. En dêr wiene se ynienen, in espeltsje manlju en froulju dy 't troch de bosk drafken, hymjend en swittend. Se eagen stiif foar harren út en fernamen neat fan al it moais om har hinne. Doe 't se my foarby wiene kaam ik wer efter de beam wei. Dêr gyngen de lêsten de bocht om. De nije minske. Homo adidas.

Doe 't it stampen en hymjen al net iens mear te hearren wie hong der tusken de beammen noch altyd in neare, soere switlucht. Ik seach ris omheech, nei de beamkrunen. Der rûgelen in stikmannich blêden nei underen. Soer reinwetter? Kom no.

*It ferskil tusken minsken en bisten is net,
dat minsken tinke kinne en bisten net,
mar dat bisten neat om tellefyzje jouwe.*

LEKKER ITEN, MAKLIK REE TE MEITSJEN

Blomkoal op syn Switsersk

Tabeharren: 1 grutte blomkoal, tsiisstip; 2 brijleppelfollen bûter/marg.; 3 brijleppelfollen moal; 1/4 mingel bûljon fan maggiblokjes; 1/4 mingel molke; 5 à 6 leppelfollen raspe tsiis; 1 aaidjerre; 3 leppelfollen rjemme; sâlt; piper; nutemuskaat; bytsje margarine foar ynfetsjen; sniene echte (slachters) skinke ("ham").




Reemeitsjen: blomkoal waskje en plm. 20 minuten yn kâld salt wetter lizze. Dan blomkoal yn syn hile hear en fear gear siede. Undertusken bûter/marg. hyt meitsje. Dêr wat moal yn struie en bytsje brún bakke litte. By bytsjes de gleone bûljon en de molke der rierend by jitte. Dêrnei de tsiis ek. Pear minuten bytsje siede litte oant de tsiis goed raand is. Aaidjerre en rjemme trochinoar riere en der ek by dwaan. It stip krûdich meitsje mei sâlt, piper en nutemuskaat. De blomkoal yn in gatsjepanne ôfdrippe litte en dan op in platte fjoerfêste en ynfette skaal lizze. In diel fan it tsiisstip der oerhinne jitte. Yn in waarme one sette en plm. 10 minuten mei sterke boppe-waarmens bakke litte.

De blomkoal op in waarme skaal lizze, noch wat piper en nutemuskaat der oer struie. De lapkes sniene skinke oprôlje en kreas om de blomkoal hinne skikke.

Seane ierpels smeitsje der poerbêst by. Yt lekker!

VERS, LEKKER EN VOORDELIJG



Alweer zo'n lekkere aanbieding uit ons gebak-assortiment. En natuurlijk vers, ons gebak komt immers dagelijks vers uit onze eigen banketbakkerijen. Deze week extra voordelig:

DEZE WEEK:

AARDBEIE NV LAAI f 11,75

NU 10,-

Dinsdag en woensdag
tompoucendag. 6 voor 4.95

HEMA

BERGUM

KOLLEKTE HARTSTICHTING 1983

De kollekte foar de hartstichting hat dit jier opbrocht it moaie bedrach fan f 1.370,10! Yn 1982 wie dat f 1.045,15. Sjoen de besuning is dit hiel goed. Tige tank oan al de minsken dy 't hjir foar jûn hawwe! En net te ferjitten de (17) kollektantes dy 't dat bedrach byelkoar brocht ha. As jo sa de kollektes troch in jier neigean, wurdt der yn ús doarp hiel wat opbrocht. Hoopjende dat se ek mei dit jild wer folle goed dwaan kinne foar dit wichtige wurk.

Ut namme fan de hartstichting,
H. Wilkens-Kuperus

BROODDEEGFIGUREN

Zoekt u een leuk presentje. Wij maken brooddeegfiguren, levensbomen enz. naar uw eigen of ons ontwerp. Kom vrijblijvend eens kijken op Eatersanning no. 7.


Wij staan ook op de braderie op 14 juli a.s.

Jannie Friso en Marian Veenstra

*Mèèem, no sliapt heit al wer!
Sa krijt er myn hûswurk net klear!*

drukkerij

R.I.J.O. b.v.



FERBETTERING

Foar dyjingen dy 't de Doarpsomroppers bewarje!
Der stiet yn it earste stikje fan "Samen op weg"
(Jannewaris 1983 no. 25) in flater. Der stiet dat Jan
Arjens Mulder en V. Houten en Veenstra? boete kri-
gen. Dat moat wêze: Jan Arjens Mulder en Marten
Martens v.d. Meer (skroar) en Jan Jans v.d. Heide.
De lêste twa wiene Peinders.

D. v.d. Mark

ONRUST

*Er heerst onrust in ons hart,
vol met smart.
Waarom gebeurt dit toch,
ja hoe lang nog.*

*Er wordt op de aarde veel gestreden
en geleden.
Waarom moeten er toch steeds weer onlusten
uitbreken
en worden de mindere mensen er vaak op
aangekeken.*

*Je kunt je medemens soms bijzonder pijn doen,
ja je schuift jou problemen bij hem in de schoen.
Waarom denken de mensen eerst aan hunzelf en niet
aan een ander?
Ze zeggen toch altijd wij houden van elkander.*

*Laten we in vrede met elkaar leven,
ja elkaar een klein beetje liefde geven.
We moeten bij onszelf beginnen,
om de Onrust te overwinnen.*

*Trienke Oosterhoff
(zelfgemaakt)*

TER GEDACHTENIS

Van redaktiewege, maar ook van andere zijde is mij
verteld, dat de "Doarpsomropper" de bel aan de
wilgen gaat hangen. Bij het verscheiden van dit blad
wil ik graag een paar korte aantekeningen plaatsn:

- a. Ik mag, denk ik, wel een causaal verband leggen
tussen wat er een jaar geleden rond de Doarps-
omropper gebeurde en het stoppen van het blad
nu? Raar misschien, maar ik heb sinds ik het
nieuws over de Doarpsomropper hoorde, steeds
de titel van een boek in mijn gedachten, een boek,
dat ik jaren geleden eens las. Die titel luidt: "Kin-
deren in verstand en in boosheid". De naam van
de schrijver of schrijfster is mij helaas ontschoten.
Weet de redaktie die? 1)
- b. Jammer, dat de Doarpsomropper stopt. Daarmee
wordt de klok in Oudega een flink stuk teruggezet.
- c. De verenigingen hebben (een paar gunstige uit-
zonderingen daar gelaten) de kans niet gegrepen
om in de Doarpsomropper aan de weg te timmeren.
Of willen (durven) ze niet in het openbaar (te)
treden? Het lijkt of het aloude adagium nog
opgeld in Oudega doet: In ons isolement ligt onze
kracht.
- d. Er is in het dorp een groep jongeren, die zich in-
zetten (zeggen ze) voor het tot stand komen van
een "jeugdsoos". Onbegrijpelijk, dat deze groep
de kolommen van de Doarpsomropper niet heeft
gebruikt om actie te voeren. Wie niet steeds op het-
zelfde aambeeld blijft hameren bereikt in deze
tijd niets! Deze groep zal dan ook wel nooit haar
doel bereiken, ze zijn te laks.
- e. Ik meen te mogen concluderen, dat bij de "gewo-
ne" lezers de Doarpsomropper goed in de smaak
valt. Zij zullen het blad missen. Wij ook. Adieu,
Doarpsomropper!

Dorpelinge
(namme by redaksje bekend)

1) Ja, Dorpellinge, de redaksje kin jo helpe. De namme
fan de skriuwer is P. Keuning. (d. J.)



Desnoods op de fiets naar Olterterp . . .
Want VERLOVINGSRINGEN in deze dure tijd gelukkig bij

"DE SLAG"
in Olterterp

bijzonder goedkoop v.a. f 200,- p/p, 14 karaat goud
en bekende merken
Ook zware zilveren geboortelepels
vanaf 195,- gratis gegraveerd
Verder duizenden sieraden in GOUD en ZILVER
nergens goedkoper
Inruil van oud goud tegen de hoogste prijs



SELMEN 2
Tussen Olterterp en Ureterp
Tel. 05125 - 1695

ook voor Uw:

* REIZEN

* VERZEKERINGEN

* REISDEVIEZEN

Fabrykswei 13, Oudega Sm.

Telefoon 05127 - 1533

Rabobank



geld en goede raad

CHR. KLEUTERSCHOOL "DE BEUKERSTINS"

Buorren 34A, Oudega (Small.), tel. 05127-1473.

Geachte ouders,

Kleuters die vóór 1 oktober 1983 vier jaar worden mogen na de zomervakantie (22 augustus) op school komen. Wilt u uw kind dat hiervoor in aanmerking komt of in het schooljaar '83/'84 vier jaar wordt zo spoedig mogelijk opgeven? Vriendelijke groeten,

de leidsters,
Nanda Kingma, Sari Bouma

DOARPSOMROPPEL

De Grietman hat de Doarpsomropper de das omdien, en de knoop sa 't skient goed oanhelle, want it libben is der folslein út! Jammer, jammer volgens my en mei my sa 't ik wit folle oaren. Ondanks d'r genoch

kopy binnen kaem en de (lytse) redaktie goed harren best die om d'r wat goeds fan te meitsjen. En it harren net te dwaen wie (sa 't guon minsken mien-den) om harren hobby d'r yn út te libjen. Werom kin yn ús doarp d'r net ien goede krant útkomme, wer 't ek as yn 'e forstoane omropper, alles yn stiet? Dochs spitigernoch, nei 'k miende maar trije fêste "Mivero" minsken harren spullen oanrikkemedearen. De Grietman beskouwe (al hoe aktief as se binne) folle minsken nou min of te mear as in ûnderkroeper. It is te hoopjen as alle 38 ûndernimmers allegear advertere, dan kin it in dikke krante wurde, mar it earste "blunderke" is al makke: wienen dat de tefe-foannr. die 't achter de adressen stienen? 't stie d'r net by!

Naam bij redaktie bekend

*As it hjir no mar by bliuwt, sei de boer,
doe 't er wiif en bern ferlern hie.*

kooistra – TEXTIEL-
en WONINGINRICHTING

Buorren 22 – OUDEGA (Sm.)
Tel. 05127 - 1258

Huur bij ons de CITIN tapijtreiniger
voor het als nieuw maken van uw tapijt.

Tijdelijk 1 liter CITIN van f 13,95 voor f 10,00.

WAARDEBON I

Tegen inlevering
van deze bon
f 5,00 reductie
op een KLM-overall.

WAARDEBON II

Tegen inlevering
van deze bon
f 2,50 reductie
op een overhemd.

WAARDEBON III

Tegen inlevering
van deze bon
f 1,00 reductie
op een Koala
dames- of heren slip
boven f 7,50.

GELDIG TOT 6 JULI

Maak eens een proefrit

met het origineel.



De nieuwe Datsun Stanza. Het origineel.

Eerste van een nieuwe auto-generatie. Dus voorlopig niet te imiteren. De nieuwe Datsun Stanza.



OOK IN 4 DEURS



OF IN 5 DEURS

De meest uitgebalanceerde middenklasser met voorwiel-aandrijving. De kracht van een sprinter. Zuinig. Maximaal rendement uit normale (!) benzine. Aerodynamische styling.

Maximale interieurruimte. Zo wekt de Stanza de indruk van binnen groter te zijn dan van buiten.

Beschermende veiligheid in de totale constructie. Koersvast weggedrag onder alle omstandigheden.

De nieuwe Datsun Stanza. Het origineel. Vooruitstrevend Eigenzinnig in temperament. Nieuwe 1.6 en 1.8 liter motoren.

Nu bij ons. Klaar voor de eindtest: uw proefrit. Prijs incl. BTW, af Lisse.

v.a. 17.995,-



Datsun van Nissan.



**autobedrijf
drachten b.v.**

**DE HEMMEN 1
DRACHTEN
Tel. 05120-12100
Na 18.00 uur
Tel. 05120-14967-18575**

DEIBOEK FEN IN HIEL LYTS MINSKJE

*Hjoed, as in wonder, haw ik it libben krige
Heit en Mem witte noch nearne fen
Ik bin sa dankber foar dit barren
Mar foaral om 't lok foar harren*

*De blauwdruk yn my beskreaun
Seit dat ik in famke wird mei heit syn mûle
En mem har ljochte hier, har eagen en har kin
't Leit tige fêst, dat ik dêr gelyk yn bin*

*'k Bin achttjen dagen no al en kin myn mûltsje iepen
dwaen
Dêrmei kin ik letter sjonge en prate
Mar what scil men hjar formeitsje
As ik letter hiel leaf nei hjar laitsje*

*'k Bin no twintich dagen en slacht myn hertsje in
eigen krêft
Ta det it ien kear warrich wirdt den scil ik stjêrre
Mar as ik tink oan 't sjen van heit en mem, blommen
en de sinne
Den begjint it noch folle hurder te rinne*

*No haw ik al hast earmkes en skonkjes krige
Whent ik bin no sawn en twintig dagen ald
Sa kin ik straks yn mem hjar earm en rinne
'k Bin der sa lekker waerm en beskûle der binnen*

*No nei tritich dagen krij ik al lytse vingerkes
Dêrmei scil ik wurkje mar ek spylje kinne
Dermei scil ik blomkes plukke yn it lân
Mar foaral heit en mem aaiques jaen mei dizze lietse
hân*

*No bin ik sawn en vyftich dagen en wie it de greate
dei
Hjoed hat dokter heit en mem forteld
Det ik as lyts protsje tige sôn under mem har herte
siet
Och memke leaf bist no mei my net tige blied?*

*No bin ik twa en sechtig dagen en tink whet namme
scil ik krije*

*Och stom, 'k moat wachtsje ta myn berte dei
Det ik in famke bin scil heit en men den pas witte
Miskien hiel miskien scil ik wol "Welmoed" hjitte*

*'k Bin no acht en sawntig dagen en ik krij al hiel whet
hier om 't kopke*

*Och what scil us memke skielk pronkje mei my
Scil ferskes hiel seft foar mei sjonge
En faeks foarleze ut it boekje fan "de undogjende
jonge"*

*Sa bin ik mar oan 't fantasearjen in hiel ein wei
Det kin sa yn 't donker fen mem har skerte
En wylst wykt de "blauwdruk" net fen syn beslút
Hy wurket sûnder whet syn programme út*

*Ja ik moat noch hiel lang by memke bliuwe
Mar ik haw it hjir bêst nei 't sin
Boartsje kin ik noch hiel folle hear
Sa 'n lekker waerm plakje krij ik grif net wer*

*Mar no nei fyf en njogentich dagen, whet hear ik dêr?
Wy binne op in hiel frjemd plak
Ik hear frjemde lûden om my hinne
Ik wird osa bang, whêre mem en ik no ris binne*

*O whet bin ik bang, whet scil der barre?
Mem har hiele lea die skoddet
Den wirdt der oan my lutsen
Den rop ik noch, o God wêrom is jo "blauwdruk"
no ferbrutsen?*

Sjeis



DE VERLIEFDE POTSCHIPPER

*Hooft vrienden hoor dit lied
wat duid'lijk zal verklaren,
wat thans weer is geschied
met Jan van pottievaren.
Hij kwam hier deze winter
te Oudega aan wal.
't Leek meer een rups dan vlinder,
hij was zo lang en smal.*

*Die vent, lang niet meer jong
kwam zo de haven binnen,
en deed al vlug een sprong.
Hij had wel trek tot minnen!
Doch 't viel al dra hem tegen.
De eerste maal was 't mis,
daar stond ons Jan verlegen
te zuch'ten aan de dis.*

*Doch daarna greep hij moed,
en dacht het moet maar wezen.
Ik ben elk meisje goed,
't is uit haar oog te lezen.
Maar wat hem kwam verrassen
dat hij niet blijven mocht.
Daar stond hij weer te krassen
op deez' vergeefse tocht.*

*Nog eenmaal dacht ons Jan
ga ik het nog proberen.
En zal als 't immer kan
niet weer naar 't scheepje keren.
Maar vlug mijn goeie kleren,
sigaren in mijn tas.
Zo ging Jan weer op reize,
daar vreugd in 't harte was.*

*Toen op haar erf geklost
verklaarde Jan zijn harte,
al trillend op zijn post.
"Neen" horen was hem smarte.
Maar 't meisje liet haar horen
hoofdschuddend: Jan, ga heen.
Gij kunt mij niet bekoren,
'k blijf liever dan alleen.*

*Daar ging Jan treurig heen,
bijna beroofd van zinnen.
Elk meisje roept maar neen
wat slaat Jan 't hart van binnen.
Wat knellen hem die banden,
die hij alleen gevoelt.
Wat wringt hij zijne handen,
met tranen afgespoeld.*

*Het grootste schouwspel is,
nu gaan ze hem bewenen.
Doch geloof het maar gewis,
't is met een hart van steenen.
Elk meisje schenkt hem lachjes,
doch uit een koude min.
En Jan denkt noch waarachjes,
zij hebben nog wel zin.*


*Maar Jan, wat ik u raad,
wil toch in 't scheepje blijven.
Zij maken u maar kwaad,
en daarbij - zonder schijven -*

Boppesteand rymstik fûn frou Wilkens-Kuperus yn in skrift fan har heit, L. Kuperus. Se wit net, oft har heit it oerskreaun of sels makke hat. Hoe 't it ek wêze mei, se fûn it nijsgjirrigernôch om it yn 'e

Doarpsomropper te publisearjen en dat binne wy folslein mei har iens. It sil benammen troch de âldere doarpslju grif wurdarre wurde, liket ús ta.



**Bøje
buigklompen**



Dat zit lekker.

U loopt op hout.
Geen lawaai.
Buigzaam als uw eigen voet.
In wit, blauw, bordo en naturel.

Patent aangevraagd.

BØJE BUIGKLOMPEN ZIJN VERKRIJGBAAR BIJ:

**Lampers
schoenen**

Schoolstraat 24, 9251 EG Bergum - Telefoon 05116-1508



LAMPERS - SCHOENEN

**NIEM
UIT DENEMARKE**

WIE HEEFT DE DOARPSOMROPPER VERMOORD ?

Deze vraag zal bij een ieder die dit maandblad leuk vond naar boven rijzen. Het komt in ieder geval niet door de hoofd-redacteur en zijn medewerkers, die hadden nog wel door willen gaan. Het is jammer dat een blad met zoveel verenigingsnieuws en activiteitsnieuws uit Oudega verdwijnt. Misschien komt het wel door een reclamefolder van de middenstand uit Oudega. Waren de advertentiekosten misschien te duur? Dan was het overleg tussen Doarpsomropper-medewerkers en middenstand misschien slecht. Hoe het ook zij, dit is de laatste Doarpsomropper en dat zullen veel mensen jammer vinden dat weet ik zeker.

Een trouwe lezer
(namme by redaksje bekend)

IN MEMORIAM

Deze week hoorde ik dat we de laatste "Doarpsomropper" in de brievenbus krijgen. Persoonlijk vind ik het geweldig jammer dat dit blad geen lang leven voor de dorpsgemeenschap beschoren is. De redaktie van de "Doarpsomropper" heeft veel onbetaalde uren er aan gegeven, ieder naar zijn eigen gaven en inzichten. Redaktie hartelijk dank voor het werk dat jullie gedaan hebben voor de leefbaarheid van het dorp Oudega.

S. v. Dijk

DE DOARPSOMROPPER

Bij deze wil ik toch even mijn mening kwijt, over het verdwijnen van de Doarpsomropper. Het is toch ontzettend jammer dat zo iets gebeurt. Ik zie de Doarpsomropper als een van de schakels voor de dorpsgemeenschap van Oudega. Het had een leuk en interessant blad kunnen zijn voor het gezin, als elke vereniging er een verslagje in had gezet. Waarom is dat niet gebeurd? Zou het kunnen zijn, dat we toch langs elkaar heen leven?

L. van Kooten - v.d. Zande

Maaie 1983

No moat jimm' ris efkes hearre:
mei de Doarpsomropper is it misleare
net, wat de kopij oangiet,
nee, 't is faaks it âlde liet:
it sil oan 'e sinten mekeare.

Is der remeedzje foar jildpine?
Soe de bijstân byspringe kinne?
Moat de bern no har puzzelblêd misse?
Sil it jild ek foar harren beslisse?

Guods sil sizze: "Lit 'm ferdwine"
oaren sil 't tige spitich fine.
Ien fraach bliuwt der noch yn 'e mande:
is 't om ús Doarpsbelang winlik gjin skande?

D. v.d. Mark

Voor al uw HENGELSPORT-
ARTIKELEN, SPIERING, MADEN,
WORMEN, DIEREN, DIERENBENODIGD-
HEDEN, VERZORG- en GENEESMIDDELEN



KEMPENAAR'S
DIERENSPECIAALZAAK
Schoolstraat 53 - Bergum


MAAT OP VIS:

Blankvoorn	15 cm.
Kolblei	vrij
Ruisvoorn	15 cm.
Baars	22 cm.
Bot	20 cm.
Zeelt	25 cm.
Brasem	vrij
Meun	25 cm.
Aal	28 cm.
Karper	35 cm.
Snoek	50 cm.
Snoekbaars	45 cm.

AKSJE I (FERFOLCH)

Der steane somtiden tige aardige fertelsjes yn 'e Doarpsomropper, d.J. stiet der dan ûnder. Sunder mis een letterre persoan, it lezen wurdich. De skriuwer moat goed ynfierd weze yn bygelyks gemeentlike saeken. Ik reagear meastentyds net op in bulte dingen, om 't it ûnbegrip soms mear ta as ôfnimt. Ik kin my net oan de yndruk ûnttrekke dat d.J. mear sjocht yn tsjinoanskoppen (AKSJE . . .) as mei oparbeidsjen. Yn it gefal 50.000 inwenners binne sifers neamt, en ek wy hawwe as riedsleden C.D.A. lykas P. v.d. A. en de oaren, us ôffrege of 't goun sinten, bestege binne sa as tocht wie. No is achtereare d.J. achternei - dus ik sei achternei - maklik oan syn kommentaer jaen oerjown. As de taek stelt is, 50.000 ynweners helje, as misrinne de ryksútkearring 25.000-50.000, yn ferskil fan miljoenen as men boppe de 50.000 ynweners sit dan mei men fan tinken weze dat de 50.001 foar de gemienskip (ek Aldegea d.J.) in tige wichtige persoan west hat. It is wier dat eltse gemeentenaer no net 1.000 goune de man kriget, wol is wier dat de foarsjennings dy 't Smellingerlan ryk is sa goed mooglik en sa gaedlik mooglik yn stan holden wurde kinne. It moat sein wurde as men op 'e kont sitten bliuwt en neat docht, de útslaggen oars útfalle en nei de rie en B. en W. har betinken gâns minder, dat sil de tyd leare. Feit is en

"...ANDERS NOG IETS?"



DE MINI 9.990,-

bliuwt dat, en dat blik út it 80-jierrich bestean fan Pl. Belang op 13 maeije (wer 't d.J. almagrif as goed Aldegeaster mei jimme west hat) wert sein is dat de winsken fan Aldegea yn 'e rin fan 'e jierren aerdig ynfolle binne. Lykas de ried en commissie by ienkomsten, ik sit no 9 jier yn 'e gemeentesaeken mis ik, better sein noait opmurken d.J. What my wol opfoel wie dat der lestendeis yn hiele ôffurdiging froulju út Aldegea wie. Jammer dat der ôfgryslke drege saeken oan 'e oarder wiene, sadat it harkjen nei al de betogen oer en wer tige inspannend wie mar dochs, se wiene der Enfin what ik sizze wol is, by de 50.000 en dan beskermje ik dochs it gemeentelyke krewearjen. De sektery minsken hawwe yn die GJIN SINT mear bard, en der binne dochs in pear hunderd man mei bezig west, de trein roun en kin net stoppe wurde hjelwei, ik neam inkelde punten: briefbeantwurding 1.000-den, folkshusfesting en gemeente, busriden, protte drukwurk, advertinsjes, interfjoes en it moat sein yten en drinken (oan 'e foege kant). Lykwols siz ik mei C.D.A. Iokoboargemaster Noorda en 't college it risseltaet is der neffens.

AKSJE II FERFOLCH

Ik moat my ôffreegje of 't d.J. de skriuwer fan it stikje (nei in mouiljke dei) tinkt my serieus nôm wurde moat. Hjr fernimt men út dat de auteur noait hjert hat oer, as it yn Drachten reint, drupt it yn 'e doarpen, dat kin ik ABSOLUT underskriuwe. De leste jierren is bouwt, huzen, tige mouiljke curve prizen, mar it is lukt, ferljochting, sportseal, jacht-haven ensf. It is gjin pais en free der is noch in bulle to dwaen. It West, wei, riolering, Gariperwei huzen behâlde, baiersplak, Sibelieske fietspaed, en wha 't what op 'e lever hat kin komme, der sit ik foar. D.J. hat noch net by my oer de flier west. Dit soarte saeken, frjemd, what my betreft sawn deroer. Aldegea moat ALDEGEA wurde, mar fierder wol yn Smellinglân gehiel bliuwe.

Wietse Welling,
riedslid P. v.d. A. Smellinglân,
ôfd. Aldegea

AUTOBEDRIJF

HOFSTEE



Austin

Morris

Rover

Triumph

Hoornweg 10 - 12, 9363 EG Marum
telefoon 05944 - 1475

Van Haersmasingel 17, 9201 KN Drachten
telefoon 05120 - 10125

VERENIGING VAN HANDELDRIJVENDE EN INDUSTRIELE MIDDENSTANDERS IN BERGUM EN OMSTREKEN


Bergum, 2 juni 1983

BERGUM, EEN DORP IN DE BLOEI



Bergum, de hoofdplaats van de in het gehele land bekende gemeente Tietjerksteradeel, heeft bijna 10.000 inwoners en is dan ook één van de grotere plaatsen in de omgeving tussen Leeuwarden, Drachten en Dokkum. Het verzorgingsgebied van Bergum strekt zich dan ook uit over de gehele gemeente en zelfs over de grenzen ervan. Het inwonersaantal is vooral de laatste jaren sterk gestegen wat mede een oorzaak vindt in de vestiging van enkele middelgrote industrieën zoals de papierfabriek en Heatlift-Rheem, maar ook dat Bergum de plaats is van enkele bejaarden- en verzorgingstehuizen en het revalidatiecentrum Hillamastate. Ook de vestiging van de gemeentelijke overheid, zoals gemeentehuis, gemeentewerken en gemeentepolitie maakt dat Bergum de woonplaats is van vele mensen die hun werk vinden in de dienstverlenende sector. Dit is dan ook één van de redenen waarom de middenstand van Bergum volop in bloei is. Dat komt mee tot uitdrukking door de vestiging van enkele grootwinkelbedrijven zoals Hema en Edah en het zich aanpassen aan de eisen van de tijd door de bestaande zaken, die eigenlijk alle belangrijke branches vertegenwoordigen. Momenteel wordt het centrum van Bergum op een rigoreuze manier aangepakt en in enkele weken omgetoverd van een gewoon dorpscentrum tot een modern winkelcentrum op basis van het zogenaamd "winkel-erf". Dat betekent zoveel als een centrum waar de voetganger en de fietser evenveel recht hebben als de auto. De automobilist moet zich dan ook aanpassen aan het overige verkeer, maar het centrum blijft bereikbaar voor de auto's, die kunnen parkeren in een zogenaamde "blauwe zone" met een parkeerschijf en dus geen kosten voor parkeermeters. Het

gehele centrum wordt gelijkvloers, dus zonder trottoirs, de verlichting is aangepast en er zijn leuke zitjes en terrasjes. U ziet het, het dorp staat in volle bloei. Nog voor de bouwvakvakantie zal het een modern geheel zijn, waar winkelen een vorm van recreatie kan zijn. Veel middenstanders spelen ook in op het winkelerf, door het aanbrengen van luifels en het moderniseren van zowel interieur als exterieur. Het is dan ook de bedoeling dat 9 september a.s., vlak voor de Himbo-feesten, het winkelerf officieel wordt geopend. Voor het winkelend publiek en ook voor de vele toeristen die Bergum aandoen, vooral watersporters, worden er weer diverse activiteiten georganiseerd door de zakenklup "Himbo", zoals 4 juli a.s. wielerronde van Bergum, 19 juli fierljepwedstrijden en op 23 juli een grote braderie in het centrum. De andere activiteiten van de Himbo worden in september gehouden waar de allegorische optocht weer enkele duizenden mensen zal trekken evenals de volksspelen voor buurtverenigingen. Al die activiteiten geven een levendig beeld van een dorp dat leeft en dat bouwt aan zijn toekomst, vandaar: **TOT ZIENS IN HET BLOEIEND DORP BERGUM.**



PRINSEHOFTOCHT

It wie Baukje parten tafallen. Net ien yn it âlde doarp dy 't de holle nei har omdraaid hie, doe 't se der nei safolle jierren wer troch ried. Se wie der neist in jier of tsien oars net sa moai weirekke. Ut-naaid wie se, kin men wol sizze, neidat se, leidich jongfaam fan njoggentjin, mei domeny tusken de lekkens krûpt wie nei it fraachlearen. Syn frou, dy 't fierstente gau thús kaam, hie harren doe trap-

pearre. No, tsien jier letter, wie se der wer. Mei in ploechje natuerfreonen. Se hiene keamers hierd yn 't hotel oan 't wetter. Har beide freondinnen sieten al nei har út te sjen.

"Wat bist let, Bauk", sei Suze. "Wy binne hjir al oeren. En wat is 't hjir moai!"

No, dy oeren dat soe wol oerdreaun wêze, mar dat it dêr moai wie moast se Suze gelyk yn jaan, dat wist se fan har famkesjierren noch wol.

"Wy hawwe al even foar dyn keamer stien", sei Fimke. "Hast in moai útsjoch oer 't wetter".

Baukje helle de kaai op en gong nei har keamer ta. Dy wie lyts, mar it eachweid wie yndied merakels-moai. Dat tropke beammen dêre, dat moast Brêgeham wol wêze. Fierderop stiek de alde toer krekt boppe de beammen út. Op 'e le foeren al in pear iere sylboatsjes. Se waard steurd troch klopjen op 'e doar.

"Toe Bauk, doch iepen! Of bist soms bang, dat ik dy ferkrêftsje wol?"

De humor fan Suze. Baukje kaam oerein en die de doar iepen.

"Sis," frege Suze "giest moarn ek mei op dy tocht troch it Prinsehôf? Der giet ien fan It Fryske Gea mei om ús al dy nijsjerrige fûgels en planten oan te wizen".

"Ik tink fan net. It wie myn doel om moarn nei Ljouwert ta, nei de notaris".

"Poal seit, dat dy Prinsehôftocht oars wol de muoite wurdich is".

"Poal? Wa is dat no wer?"

"O, dat is sa 'n aardige fint. Ik bin yn 'e taap mei him yn 'e kunde kommen. Hy is hannelsreizger en ferkeapet kachels, fan dy moderne allesbrânders. De branje kinst ek wol by him keapje".

Fimke kaam yn 'e keamer sûnder te klopjen.

"No, hoe liket it? Giet se mei?"

Freegjend seach se earst Suze en doe Baukje oan.

"Toe Bauk", sei se. "Dû moastst mei. Wolst ommers ek graach al dy fûgels sjen, net?"

"Ik wit it noch net. Ik sil der oer neitinke. Ik haw oan tsien oere ta noch tiid om my op te jaan. Dat stiet op 'e kaart, dy 't ik krige haw".

Suze en Fimke gongen wer fuort. In oere letter gong Baukje nei de resepsje en liet har ynskriuwe foar de Prinsehôftocht. Se frege de resepsjoniste,



BOUWBEDRIJF

D.H. DE JONG

west 22 oudega (sm) tel. 05127 - 1204

uw adres voor
NIEUWBOU VERBOUW ONDERHOUD

oft domeny Bakker noch yn it doarp wenne. Dy tocht fan net, se hie dy namme noch nea neamen heard, sei se.

Doe 't se op bêd gong seach se earst net ûnder it ledikant. Mar se draaide wol de doar op slot en die it keatling der ek op. En se fiede ek efkes oan 'e skoattels fan 'e tuskendoar. Se koe min yn 'e sliep komme, withoelang lei der in motorboat mei draaiende motor foar de wal. Einlings en te 'n lêsten stiek dat folk mei in protte leven ôf. Ier en betiid waard Baukje swittend wekker. Se smiet de switwiete lekkens fan har ôf en gong nei it brûskeamerke. Underweis trape se op wat hurds. Se krige it op en seach fuortdaliks wat it wie, in earmbân fan Fimke. Nuver eins, dat se dy net sjoen hie doe 't se har útklaaide. Se die de earmbân yn har hantaske.

Yn 'e ytseal gong se de moarns by Harmsen en de frou oan it taffeltsje sitten. Dy seagen frijwat noartsk en seine o sa 'n bytsje, se hiene grif al wer rûzje hân yn 'e iere moarn. Suze en Fimke kamen net en dat fernuvere Baukje. Mar doe 't de Earnewâldster

Faaks koe se in skoftsje sliepe en soe de pine saksearje.

Mar dêr kaam neat fan. Boppe yn 'e gong rûn de hotelhâlder senuweftich hinne en wer. Doe 't er Baukje seach kaam er hurd op har ta.

"It spyt my ferskriklik, frou Veenstra, it spyt my ôfgrysliek. Mar wy hawwe in lyts ungelokje hân. Us gast yn 'e keamer njonken dy fan jo . . .".

"Wat foar in ûngelok?"

"In deadlik ûngelok! Hy is dea en doe 't de polysje kaam moasten wy jo keamer iepen dwaan".

"It is hiel slim, fansels, en it spyt my tige, mar wat hat it ûngelok fan myn buorman te meitsjen mei . . .".

De hotelhâlder soe wat sizze, mar doe gong de doar fan har keamer iepen en in man yn boargerklean kaam op harren ta.

"Ynspekteur De Witte", sei de hotelman, "dit is frou Veenstra, dy 't disse keamer hierd hat".

"Mei ik witte, wat dat betsjut? Wat dogge jo eins yn myn keamer?"

"Fansels. It hotelpersoniel fûn fan 'e moarn om tsien oere in deade man op bêd yn 'e keamer hjir njonken. It wol net yn ús del, dat er in ûngelok hân hat. Koenen jo de man?"

"Ik haw him hiel efkes sjoen. Doe 't ik justerjûn de doar fan myn keamer iepen die".

"De nammen Ruerd Bakema — Ruerd Baukema — Ruerd Boekema sizze dy jo ek wat?"

"Neat. Mar wêrom trije nammen?"

"Trije op syn minst. En ûnder alle trije nammen siket de polysje him. It wie in oplichter".

"Hy hearde net ta ús reisgroepke".

"Nee, dat witte wy ek al. Hy is hjir juster kommen út Swol wei. Hawwe jo faaks ek, justerjûn, of fanacht yn syn keamer west?"

"Hoe krije jo it yn 'e plasse! Nee fansels".

"Sille wy ris efkes yn 'e keamer hjir njonken sjen? Jo hoege net bang te wêzen — se hawwe it lyk al ophelle".

Hy rûn nei de tuskendoar ta, dy 't los wie.

"Sjogge jo de skoattel oan disse kant? Stikken, al in moai set, leau 'k. Binne jo der wis fan, dat de doar oan jo kant ôfskoattete wie?"

"Hiel wis. Jo tinke dus, dat, as ien him dea makke hat, dat dy dan . . .".

"As er dea makke is. Hy kin himsels ek wol tekoart dien ha. It die bliken út it ûndersyk fan 'e polysjedokter, dat er fol drank siet en hy hie ek in moai soadsje barbituraten yn 'e mage. It soe wêze kinne, fansels, dat er by ûngelok te folle slieptabletten ynnommen hat. Mar wy kinne yn 'e hiele keamer net in tabletdoaske of -fleske fine. Wy witte ek net wat er hjir die of dwaan woe.

"Mar tinke jo dan, dat . . . dat de dieder troch myn keamer nei sines ta gien is?"

"Dat soe kinne, fansels. Hat der útsein jo ek noch in oarenien yn jo keamer west, sont jo hjir oankamen? Wy kinne ús foarstelle, dat immen gewoan wer fuort gean koe troch de doar, dy 't op 'e gong ut komt".

"Ja, twa jonge froulju fan myn reisgroep hawwe hjir wêst, hiel koart".

"En wiene jo de hiele tiid yn 'e keamer sont jo hjir oan kamen? Oan bedtiid ta?"

"Nee, ik haw sawat in kertierke ûnder west. Ik

drukkerij

R.I.J.O. b.v.

DRACHTEN

Het Anker 7, 9206 AL Drachten, tel. 05120 - 12468

motorboat foar de wâl lei en de lieder syn skiepkes byinoar begûn te roppen kaam Suze nei bûten ta.

"Wêr is Fimke?" frege Baukje.

"Dy leit op bêd en snoarket as in baarch. Ik koe der gjin beweging yn krije. Ik tink, dat se wol de heale nacht by dy kachelkeapman op bêd lein hat. Witst wol hoe 't se is, as in man aardich tsjin har docht wurdt se hielendal oerémis".

It boattochtsje troch it Prinsehôf die Baukje gjin goed. Se krige pine yn 'e holle en dy boaze hieltyd mear oan. Harmsen hong oan ien tried wei de lieder yn 'e bek en in grouwe Grinzer, dy 't deun efter har siet die oars net as fotografearjen. Se wie fan doel om strak foar it waarm miel in oerke op bêd te gean.

haw my doe ynskriuwe litten foar de Prinsehôftocht. Ik haw doe noch efkes mei de resepsjoniste sien te praten. De doar fan myn keamer haw ik doe net op slot dien”.

“En doe 't jo weromkamen, wie de tuskendoar doe noch ôfskoattele?”

“Dat wit ik net, dêr haw ik net nei sjoen doe. Mar ik bin der hiel wis fan, dat de skoattels op 'e doar sieten, doe 't ik my deljoech”.

“En haw jo de gongsdoar ek op slot draaid en it feilichheidskeatling der op dien?”

“Ja, der bin ik hiel wis fan”.

“En hawwe jo ek fertochte lûden heard út de keamer hjirnjonken?”

“Nee, hoe soe 'k, der hat hjir oerenlang in boatsje mei draaiende motor foar de wâl lein”.

“Soa, ja. Ik haw gjin opdracht om jo keamer troch te sykjen, mar mei ik mei jo tastimming wol efkes yn jo bagaazje omsneupe?”

Baukje knikte tastimmend en stie der nei te sjen hoe 't de ynspekteur mei in plysje-man yn unifoarm yn har koffer, tas en ek yn har hantaske oan 't sykjen wie en yn 'e hiele keamer. Doe 't se nei in protte ûntskuldgingen wer ôfset wiene kaam der in keamerfamke yn om de boel op te rêden. Baukje wie bliid, dat se der net oer praat hie, dat de earmbân yn har hantaske net fan har wie. Wêrom soe se Fimke yn in moardsaak behelje?

Se tocht oan har goederleauskens en har dommens fan in pear jier lyn yn Utert. Dat hie har doe tsien-tûzen gûne koste en dy keardel mei syn fluenske praatsjes neamde himsels doe Ruerd Bakema . . . En as se no net sa nijsgjirrich west hie, doe 't se fernaam, dat de tuskendoar allinne mar oan har eigen kant ôfskoattele wie . . . Mar se hie dy stapmennich dien en seach 'him yn in djippe sliep weisonken op bêd lizzen — op it kastke njonken syn bêd stie in healfolle griene flesse bearenburch.

En doe wie de ferlieding te grut, se koe der neat oan dwaan en naam de flesse mei nei har keamer. Dêr liet se der wol in stik of tweintich slieptabletten yn rûgelje. Se skodde de flesse in bytsje om de tabletten mar goed terinne te litten en doe teante se hoeden werom en sette de flesse wer op it nachtkastke njonken Ruerd syn bêd.

Wa soe ea it pillefleske fine kinne, dêr 't de tabletten yn sitten hiene? Nimmen, mocht men ornearje. Sels in dûker, al soed er systematysk meter foar meter de Folkertssleat ôfsykje, soe dat wol net slagje.

Se tocht by harsels, se doe de kommende nacht wol goed en djip sliepe kinne. Ek sûnder har slieptabletten wol.



SKIEDNIS

HISTORISCH OVERZICHT 1919 - 1959 - 1966 der Ned. Chr. Landarbeidersbond, afd. Oudega (Sm.)

Deze avond werd gehouden op 16 februari 1960.

Het is voor mij heel moeilijk geweest het één en ander op papier te krijgen betreffende de jaren van onze afdeling. De eerste notulen die in mijn bezit zijn, zijn van de vergadering van 13 okt. 1929. Dus heb ik naar de eerste 10 jaar moeten raden. Na heel wat zoeken en schrijven is het me eindelijk gelukt, toch nog het één en ander gewaar te worden. Het was in het voorjaar van 1919 dat er in ons goede Oudega hier en daar aan een paal of een boom een aanplakbiljet prijkte. Door deze biljetten werden de Christelijke Landarbeiders van Oudega opgeroepen ter vergadering in de Chr. School die toen ter tijd nog aan de Achterweg stond. Op welke datum het was wist mijn zegsman niet meer. Op deze vergadering zou als spreker optreden Vriend Drevél. Verder was de aankondiging ondertekend door wijlen meester van Dijk die hier toen hoofd van de Chr. School was. Op die bewuste avond trokken eenige arbeiders samen bij de school om eens te horen wat die Vriend Drevél te zeggen zou hebben. De deur van de school was op slot en men kon er niet in. Toen werd meester van Dijk geraadpleegt, maar de goeie man wist van geen vergadering af. Hier moest wat anders achter zitten. Naar later bleek, hadden enkele jongelui voor de grap die plakaten aangeplakt. Toch schijnt die mop zijn uitwerking gehad te hebben, want in dezelfde jaar in de herfst werd het ernst. Vriend Oudekerk zou in de Chr. School komen spreken. Weer togen verschillende arbeiders op naar de Achterweg en toen vond men de school open. Meester van Dijk was op z'n post hij had de leiding van die avond in handen. En als spreker verscheen een jonge man, een Groninger die zich Oudekerk noemde. Hij was toen bij de landarbeiders in deze streken nog een vreemdeling. Maar nu na 40 jaar is hij een bekende geworden en een strijder voor het goede recht van de landarbeider. Ook die avond had hij geluk. Hij zal in zijn rede wel spijkers met koppen hebben geslagen want voor de vakorganisaties moeilijk te winnen landarbeiders van Oudega kwamen en gaven zich op als lid van de Ned. Chr. Landarbeidersbond. Niet allen durfden die stap te wagen. Wie de eerste bestuursleden zijn geweest weet ik niet zeker. De eerste secretaris moet Jan van Houten zijn geweest. En volgens een schrijven van deze moeten er die avond 14 leden zijn ingeschreven met als voorlopig bestuur Jac. Feddes de Jong, Jan van Houten en R. Vlietstra. Later moet Jac. Feddes de Jong zich hebben teruggetrokken. M. Draistra kwam in zijn plaats. De eerste steen was gelegd, maar nu moest er gewerkt worden aan de opbouw van de afdeling. Hendrik Kooiker die nu al is overleden toen later politie te Suawoude vertelde daarvan op een bezoek dat de voorzitter en ondergetekende hem brachten. Kooiker was in 1919 nog landarbeider en werd ook lid. In het voorjaar na



IEPENBIERE SKOALLE plm. 1910.

UNDERSTE RIGE: Pyt v.d. Wal; R. Adema; Poppe de Vries; Roel de Jong; Tsjitske de Vries; Aaltsje de Vries; Cornelia de Vries; Attsje Wiersma.

TWADDE RIGE: Ritske Mud; Lolke Wiersma; Simen Bouma; Steven v.d. Wal; Hâns Mulder; Tsjitske de Jong; Rienk Mud; Meint de Vries; Willem de Vries; Jikke Mud.

TREDDE RIGE: Jehannes de Vries; M.B. v.d. Wal; Ale de Jong; Sytse B. v.d. Wal; master S. Duursma; Thomas de Jong; H. v.d. Zee; Reinder Wiersma; A.K. Welling; Sytske K. Welling.

FJIRDE RIGE: Sytske A. Welling, hantwurkjuffer; juffer De Bruin; Aaltsje de Jong; Ankje Adema; Sytske Mulder; Geartsje Bouma; Tsjitske Adema; Wyltske Adema; Jantsje Mud; Master Boskma.

de oprichting begon men al een loonactie. De lonen moesten omhoog. Er werd dan ook besloten de eerstvolgende zaterdag een uurloon van 20 cent te vragen. Dit werd dan ook gedaan, maar vond bij de werkgevers een niet al te gewillig oor. De bond kreeg hierdoor de naam twee dubbeltjesbond. Over het algemeen ondervond de Chr. Landarbeidersbond van de zijde der werkgevers niet veel goeds, vooral niet van de christelijke zijde. Die arbeiders die lid van de bond waren, moest je in de gaten houden. Ze werden voor "rood" uitgemaakt. Socialisten waren het. En ook een groot deel van de mede-arbeiders moest van de bond niets hebben. Wees voorzichtig dat was vast geen goed spul. Maar ondanks dat bleef de bond er. Het stekje was geplant en het groeide. Maar ook kwam de storm wel eens, en werden de takjes van de jonge boom er weer afgebroken. Als eerste voorzitter heeft A.T. de Jong meegemaakt Evert Bergsma. Dat is nu 33 jaar geleden. De eerste vergaderingen werden toen ten huize van E. de Jong gehouden, die toen nog op de Zandbuurt woonde. De kinderen lagen in dezelfde kamer en sliepen als rozen. Je kon er de rook wel snijden die uit de pijpjes der arbeiders werd geblazen. Eetse en Jitske hadden, als er een goede opkomst was met z'n beiden een zitplaats op de turfbak naast de kachel. Zoo tegen een uur of half elf was de vergadering afgelopen. De verdere agendapunten waren de werklozenkas en ingekomen stukken. Die werklozenkas was toen ongeveer de kurk waar de afdeling hier op dreef. Als ze op huisbezoek gingen dan werd er die ongeorganiseerde broeder netjes een rekensommetje voorgehouden. Kijk eens u betaald per week zooveel en u ontvangt in de winter zooveel meer terug, dus het kan altijd uit, en zoo werden de leden gewonnen. Ja er werd ook over gesproken dat het Cristenplicht was je te organiseren, maar als men daarover begon hadden we toch geen kans om een nieuw lid te winnen zoo meenden wij. En toch ging het zoo niet goed, want dan bedankte de één en dan de andere. De organisatie werd zo'n soort duiventil, als er gevaar was, kon je binnen vliegen. Was het rozegeur en maneschijn, dan wipte je er weer uit, het gevolg was dan ook, dat het ledental steeds schommelde. Dan waren het er weer een stuk of 8, dan weer 10 tot 16, maar het ledental kon ook wel dalen tot 7. Maar geleidelijk aan kwam er meer vastheid in de afdeling en men begon te gevoelen dat het niet alleen om een paar centen ging, maar dat er ook iets anders achter zat. Ook het huisbezoek ging steeds meer in de richting van het uitdragen van onze Christelijke beginselen en ons dagelijks werk. Er werden leden gewonnen die eerst wel eens hadden gedreigd ons de deur te wijzen, maar die, als zij lid werden zich gaven uit overtuiging. Veel is er deze 40 jaar gebeurd in en om onze afdeling. Moeiten en zorgen van werkloosheid hebben gebeukt op de deuren van onze gezinnen. Vele leden van onze afdeling moesten in de werkverschaffing hun brood gaan verdienen. Maar al was het weekloon klein, de meesten bleven lid al was het moeilijk elke week 50 cent aan contributie te geven. Zoo leefden we de dertiger jaren door tot in mei 1940 de oorlog kwam. Dit bracht veel veranderingen. We kregen de moffen

in ons land. Op de 25 juli 1941 kwam er een brief van het Bondsbureau dat er geen N.C.L.B. meer bestond. De moffen door landverraders gesteund schakelden het hele C.N.V. over naar de N.A.J. Onze leiders hadden gekozen, dus moesten wij ook kiezen, en dat was voor ons als bestuur niet moeilijk welke zijde wij zouden kiezen. Onze afdeling ging ook ten onder, het bestuur legde het bijtje er bij neer, en de meeste leden volgden dat voorbeeld. Wel zijn er in die bezettingsjaren weinig of geen contacten geweest met het bestuur en de leden, maar toch leefde er in het hart van de oud N.C.L.B.-ers steeds de hoop op betere tijden. Een keer hebben ze als besturen uit de omgeving een verboden vergadering gehouden, waar onze bondssecretaris, penningmeester als boekenverkoper verscheen. Ze hebben daar samen gesproken en gebeden en ze gingen die avond naar huis terug met de overtuiging dat er straks weer een tijd zou komen voor onze N.C.L.B. Die tijd kwam met de bevrijding en dat was voor ons in april 1945. De eerste vreugde van de bevrijding was nog maar nauwelijks bezonken of het bestuur stak de hoofden weer bij elkaar. De secretaris kwam weer in actie. Er moest een schrijven naar onze oude bekende Vriend Runia te Leeuwarden. De postverbindingen waren nog niet weer hersteld, en daarom werd de brief met het beurtschip van Welling verzonden, en enkele dagen later had genoemde reeds het huis vol papieren. Runia was al weer op z'n post en deelde hier in Friesland zijn bevelen weer uit. Mannen van het land organiseerd U weer in onze N.C.L.B. Ook hier in Oudega vond dat bevel weerklank. Op 21 mei 1945 hielden we weer onze eerste vergadering van de afdeling. Deze werd geleid door de voorzitter B. Roorda. Er was vreugde en blijdschap. God had ruimte gegeven. Al onze leden waren ongeschonden de vreselijke oorlogsjaren doorgekomen. De eerste vergaderingen werden trouw bezocht, maar allengs de jaren weer gingen werd de oorlog met al zijn verschrikkingen vergeten en werd ook het bezoek van de vergaderingen minder. Nu heeft dan onze afdeling 40 jaar bestaan. In die 40 jaar is er heel wat veranderd, ook in onze afdelingsleven. We hebben nu ons arbeidscontract, onze vrije zaterdagmiddag. Door de werkgevers worden we niet meer als rood betiteld. Ook bij de leden der C.B.T.B. is waardering voor het werk dat gedaan word in onze bond voor het bedrijfsleven. Begin nu maar met het werk van de Soc. Crite Commissie hetgeen word gedaan door werkgevers en werknemers welke vele problemen met elkaar oplossen. Ook zijn de voorrechten gekomen namelijk de vacantieregeling met de toeslag van tweemaal het weekloon voor vaste arbeiders en de vacatiebon voor de losse werkman. Ook aangaande het bedrijfspensioenfonds waar vele mensen ook al van genieten en wat de ziekte en ongevallenwet is heel wat verbetering tot stand gekomen. In de afgelopen jaren waren er een zevental leden (A.T. de Jong, B. Bloemberg, T. v. Houten, E. de Jong, H. v.d. Wal, Jac. Bouma en S. Siebinga) van onze N.C.L.B. die mochten gedenken dat ze 25 jaar onafgebroken lid waren geweest en hun gouden tekens dragen. Er zijn twee oude leden van ons heengegaan n.m. B. Roorda en K. Ritsma, maar ook hun werk heeft niet



Foto fan in groep I.I. fan 'e KRISTLIKE SKOALLE oan 'e Achterwei. De foto is makke op 21 maaie 1912.


EFTEROAN: Juffer Van der Meulen; ? ; A. Bontekoe; Aafke Hoekstra; Sara Hoekstra; O. Hoekstra; P. Hoekstra; H. Slotegraaf; A. Slotegraaf; ? ; master Van Dijk.

TWADDE RIGE: Aaltsje Deelstra; Akke Bontekoe; Bontsje de Vries; Geartsje Bron; Jantsje Bron; Tryntsje de Vries; Gerben de Vries; B. v.d. Velde; Renske Slotegraaf; P. de Boer; ? ; Jitse de Boer; Roel Bron.

TREDDE RIGE: Anna Deelstra; Aaltsje Bontekoe; Gerrit Bron; Foppe Bron; Anna Jongma; W. Jongma.

FOARSTE RIGE: Jehannes de Vries; Gryt de Vries; Jitske de Jong; Pibe de Jong; Kl. de Jong; Folkert de Jong; ? ; ? ; Hiltse de Boer.

De CAF winkel is altijd vlakbij



Bij inlevering van deze coupon in de CAF-winkel ontvangt U zo'n handige

kampeerset

bestaande uit:

- 1 grondzeil
- 2 picknick kleedjes
- 50 plastic zakjes
- 2 grote afvalzakken
- 6 kleine afvalzakken
- 1 schouder tas

voor slechts **10,-**

en gemakkelijk bereikbaar, niet alleen op de fiets
 De CAF winkel, waar "ouderwetse" SERVICE heel gewoon is
 Een "natuur" winkel bij uitstek, dat proeft U aan de sfeer en inrichting
 Naast alle bedrijfsbenodigdheden voor de boer kunt U in de CAF winkel uw keus maken uit een breed assortiment kwaliteits-produkten:
 TUINARTIKELEN alles voor uw tuin
 DIERVERZORGING alles voor grote en kleine dieren
 DOE-HET-ZELF gereedschap, elektrisch materiaal, sanitair, hout, ijzerwaren, isolatiemateriaal, verf enz. enz.

visvoer. havermout

voor de sportvisser
 3 kg.
 NU **5.95**

tuinlaars

'n sterke laars voor weinig geld
 kleur: groen
 NU **9.95**

schommel

veel "zwaar plezier"
 voor 3 kinderen
 type 6832
 NU **169,-**

tuinset

Lo Browne weerbestendige stapelbare terrasstoel
 * 4 stoelen + kussens en tafel
 van 308,50

vlooiensband

voor uw hond of kat
 NU **4.95**

Maak nu zelf snel en voordelig raamhorren. Door een uniek systeem van aluminium profiel en kunststof hoekprofielen

raamhor

in diverse maten
 compleet al vanaf **29.95**

lastoestel

Ferm - 140 amp. compleet met alle toebehoren
 NU **199,-**

NU **295,-**

workmate

Type WM 626 groot model
 NU **149,-**

aluminium hordeur

in blank of bruin compleet met toebehoren al vanaf **69,-**

steekwagen

Handig bij allerlei karweien, ook in de tuin.
 * met beugel voor plastic zak
 NU **59,-**

graskant. maaier

veilig en snel maaien met nylondraad, langs hekken, tegels, bomen enz.
 Type Weedeater
 NU **99,-**

speciaal winkels en doe-het-zelf

HOLLUM (AM)
 MARRUM (Meg.)
 DOKKUM
 FRANEKER
 LEEUWARDEN
 DRACHTEN
 BOLSWARD
 WIJNJEUWDE
 JUBBEGA
 HEERENVEEN
 OLDEBERKOOOP
 LEMMER
 WOLVEGA

* aanbiedingen zijn 2 weken geldig



In merakelsmoaie foto fan I.I. fan 'e IEPENBIERE SKOALLE út likernôch 1905.

FOARSTE RIGE: Elisabeth Mulder; Hein Tempel; Thomas de Jong; Popke Bolsma; Adolf Mulder; Th. Kiers; Hâns Welling; Hâns Linting; Lambertus de Jong; Tryntsje Veenstra.

TWADDE RIGE: ? ; Hindrik Douma; Yje Riemersma; Wytse Mulder; ? ; Popke de Groot; Liuwe Bouma; Bernardus Douma; Geeske Rinsma.

TREDDE RIGE: Jitske Mulder; Tytsje Bolsma; Anna Veenstra; Atsje Mulder; Janke Riemersma; Sytske Rijpkema; Hiltse Bron; Minke Teiema; Japik Duursma.

BOPPESTE RIGE: Elisabeth de Jong; Hindrik Mulder; Hindrik de Jong; master Duursma; Anne Duursma; master Bosma; juffer Keuning; Tjitte de Vries.

FERBETTERING: It ûnderskrift by de foto yn 'e Doarpsomropper fan april sit in flater yn. Yn 'e tredde rige stiet: Joop v/d Wal, dat moat wêze Haaie v/d Wal en Haaie v/d Wal moat wêze Jan v/d Wal.

tevergeefs geweest.

Onze dagelijkse arbeid zal moeten bestaan in gebondenheid van Gods Woord en het licht daarvan. Maar laten we als Christen werkgevers en werknemers hand in hand strijden voor recht en gerechtigheid, mannen van de N.C.L.B. God gaf ons 40 jaar van bestaan. Laten we Hem dankbaar zijn voor de vele zegeningen die Hij ons in die 40 jaar heeft gegeven. En laat het ons moed en kracht geven om ook in de toekomst in onze bond te werken tot zijn eer. Vrienden ik ben aan het eind van mijn reëlas. Ik heb over de vruchten van ons georganiseerd

zijn maar weinig gezegd. Dat laat ik aan onze hoofdbestuurders over. Ik ben maar een gewoon soldaat. Onze hoofdbestuurders met sterren en balken kunnen het beter doen.

Herman Koops

Aanwezig waren de afdelingen:

N.C.L.B. Oudega (Sm.) "Landb. en Zuivel"

N.C.B. Oudega (Sm.)

doarpsomropperke



JONGES EN FAMKES


Dit is it lêste doarpsomropperke, jammer net? Yn dit nûmer kinne jimme lêze, kleurje en nifelje. Wy winskje jim noch in protte wille mei dizze siden.

Conny en Sari



UNDERWEIS

Ruerd en Rein
Gean mei de ein
Abe en Af
Gean mei de Daf
Sip en Syts
Gean op 'e fyts
Mar âlde pake Minne
Seit: "Ik wol leaver rinne".




IN SPULTSJE

Der hast dit foar nedich:

- in plastic bekerke
- in stikje tou
- en in houten kraal

Sa moast it meitsje:

- meitsje oan de boaiem it toutsje fan 1 meter fêst. Oan it einde fan it toutsje moat de kraal. Klear.



IN SMYTOPKE

Sa kinst dy meitsje:

1. Nim in lapke. It makket neat út hoe grut.
2. Doch deryn wat lytse lapkes, hoazen of wat oars zachts. Meitsje der in boltsje fan en doch dêr it lapke om hinne en byn dit ôf mei in toutsje.
3. No moat er noch eagen en wat al net mear ha. Dit kinst der opplakke of opnaaie. Fan twa knopen kinst ek moai eagen meitsje.

BOKKE EN IT EARKNOPKE

Yn in lân hiel fier fan ús ôf wenne ris in earm âld wyfke. It earne sloof hie ien lyts hoantsje en oars neat. Op in dei tripke bokke fan 't hiem ôf om frjemde ynsekten en wjirms te sykjen. De wjirms en de ynsekten op it hiem wiene allegear freonen fan him — hy hie wol honger, mar hy koe syn eigen freonen dochs net opite! Hy rûn fan 't hiem de wei op. Dêr klaude en klaude er yn 'e grûn om dat it wat die. En doe klaude er wrampels in diamanten earknop út 'e modder! Dy skittere en die en knypeage him ta:

“Nim my mei, lytse hoanne; bring my nei de âlde frou ta. Sy hâldt grif wol fan diamanten earknopkes”.

“Kûkelekû! Goed, ik nim dy mei en bring dy nei myn âlde bazinne ta”.

En dat die er. Mar doe kaam krekt de sultan dêr lâns. Dat wie in hiel grouwe, fette keardel, in pampes. Trije feinten rûnen deun efter him, grouwe feinten, dy 't de ûnbidich wide boksen fan de sultan syn broek ûnder it rinnen omheech hâlde moasten. De sultan seach it hoantsje rinnen mei de diamanten knop.

“Hoantsje! Jou my dy earknop!

“O nee, hear. Ik bring him nei myn earne bazinne ta. Dy wol graach in diamanten earknop hawwe”.

Mar de sultan woe ek graach diamanten earknoppen ha. Boppedat, hy koe it net ferneare as der ien “nee” tsjin him sei.

“Fang dy hoanne! Untkrij him dy earknop!”

De trije grouwe feinten lieten de wide boksen fan de sultan syn broek los, fongen de lytse hoanne en ûntkrigen him de diamanten knop. De sultan naam de knop mei nei syn paleis en burch him op yn 'e skatkeamer.

De lytse hoanne wie poerrazen. Hy fleach nei it paleis fan de sultan, pikte tsjin de finsterruten oan en raasde: “Kûkelekû! Sultan, jou my de diamanten earknop werom. Daliks!”

De sultan wie net botte wiis mei dat geraas foar syn finsters en gong yn in oare keamer sitten. Mar it hoantsje pikte dêr ek tsjin de ruten oan en rôp:

“Kûkelekû! Sultan, ik wol it diamanten earknopke werom ha!”

De sultan waard dûm. Hy rôp syn trije grouwe feinten der by.

“Fang dy smoarge lytse hoanne! Smyt him yn 'e put en lit him fersûpe”.

De trije grouwe feinten fongen de lytse hoanne en smieten him yn 'e put. Mar bokke kraaide: “Kom, myn lege mage, kom, myn lege mage. Drink alle wetter op”.

En syn lege mage dronk al it wetter op. Doe fleach bokke wer op it finster ta en kraaide: “Kûkelekû! Sultan, ik wol de diamanten knop werom ha!”

De sultan waard noch lulker. Hy rôp syn trije grouwe feinten wer: “Fang my dy hoanne en smyt him yn it fjoer! Lit him ferbaarne!”

De grouwe feinten fongen it hoantsje en smieten him yn it fjoer.

Mar bokke rôp: “Kom, myn folle mage, spui alle wetter út om it fjoer te dwêsten”.

En syn folle mage spuide it wetter wer út. It fjoer gong der fan út. Hy fleach werom nei it finster en

kraaide: “Kûkelekû! Sultan, ik wol de diamanten earknop werom ha!”

De sultan wie noch lulker as tefoaren. Hy rôp wer om syn trije grouwe feinten.

“Fang dy hoanne en triuw him yn in bijekoer! Lit de bijen him mar deastekke!”

De trije feinten fongen it hoantsje en treauwen him yn in bijekoer. Mar bokke kraaide: “Toe, myn lege mage, toe, yt alle bijen op”.

En syn lege mage iet de bijen allegear op. Hy fleach wer nei it finster ta en kraaide: “Kûkelekû! Sultan, jou my de diamanten earknop werom!”

De sultan wie sa lulk, dat er net mear wist wat er dwaan moast. Hy rôp syn trije grouwe feinten wer by him.

“Wat moat ik no mei dy hoanne dwaan? Toe, sis jimme it mar ris”.

De foarste grouwe feint sei: “Hingje him op oan 'e flaggepeal”.

De twadde feint sei: “Slaan him de kop ôf”.

De tredde sei: “Gean boppe-op him sitten”.

“Dat doch ik”, sei de sultan. “Ik gean op him sitten. Fang de hoanne en bring him by my”.

De trije grouwe feinten fongen de hoanne en brochten him nei de sultan. Dy makke de bân fan syn wide broek los en treau bokke der yn. Doe gong er boppe-op him sitten. Mar it hoantsje sei: “Toe mar, myn folle mage, lit de bijen mar wer los om de sultan te stekken”.

En syn mage liet de bijen wer gean. En stieken se de sultan? Ja no! Dat diene se!

De sultan sprong wol in meter omheech. “Oe! OE! Ooh! OOH!” raasde er. “Bring dy hoanne nei myn skatkeamer en lit him dy ferrekte diamanten earknop mar meinimme!”

De trije feinten namen bokke mei nei de skatkeamer ta.

“Sykje dy ferrekte diamanten earknop mar op”, seine se en leiten him allinne.



Mar it hoantsje sei: “Toe, myn lege mage, yt alle djoere dingen mar op”.

Syn lege mage iet alle djoere dingen op dy 't troch syn kielsgat koene.

Doe waggele de lytse hoanne sa hurd as er koe nei hûs ta en brocht al dy djoere dingen nei syn earne âlde bazinne. Dêrnei gong er op it hiem nei syn freonen ta, nei de wjirms en de ynsekten, en fertelde har fan de sultan en fan de diamanten earknop.

**1700
EXPERT
WINKELS IN EUROPA**
de gezamenlijke inkoop garandeert
hete lage prijzen voor hele beste apparatuur

Goedkoop! Maar dan wel bij de EXPERT-VAK-ZAAK!



GENERAL


VIDEORECORDER type VG-200 E
Betamax-systeem. VIËR KOPPEN voor een vlekkeloze slow-motion en stilstaand beeld. 12 Kanalen. Tiptoetsbediening. Automatisch terugspoelen. BNR-ruisonderdrukking. Bij Expert voor



1998.-

PIONEER

AUDIORACK
type X-1000 H
Tuner/versterker, 2 x 32 watt, AM/FM en LG. Draaitafel met rechte toonarm. Cass. deck met dolby en tiptoetsen. Bij Expert nu te koop voor slechts



1099.-

TEFAL

MINIWASH
Geschikt voor 2 kilo wasgoed. Afm: 40 x 40 x 50 cm. Adv. pr. f 239,-. Bij Expert extra goedkoop voor slechts



169.-

PHILIPS

PORTABLE ZWART-WIT TV type TX 2601
31 cm beeldbuis. Haarscherp beeld. 6 Voorkeuze-zenders. Bij Expert extra voordelig geprijsd voor



269.-

STEREO RADIO-CASS. RECORDER


Formidabel toestel met zeer veel mogelijkheden. Prima opname- en weergave. Adv. pr. f 245,-. Nu voor



169.-

PHILIPS

16 Wasprogramma's w.o. bio- en wolwas. Toerental centrifuge 500. Energiebesparend programma. Adviesprijs f 1125,-. Bij Expert



799.-

SANYO

KLEUREN-TV type CTP 4205
42 cm beeldbuis. 12 Voorkeuze-zenders. Met 3 JAAR GARANTIE. Bij Expert prijs bij inruil slechts



898.-**

STOFZUIGER SLEDESTOFZUIGER

650 watt. Zeer handig in gebruik. Incl. hulpstukken. Bij Expert nu als pure prijswinner voor slechts



139.-

BOSCH WASAUTOMAAT

type V 449
13 Wasprogramma's w.o. bio- en wolwas. Spaarprogr. Toerental centrifuge 800. Adv. pr. f 1658,-.



1248.-

PHILIPS


GROOTBEELD KLEUREN-TV
66 cm Hi-Bri beeldbuis. 12 Voorkeuze-zenders. Adv. pr. f 1995,-. Prijs bij inruil bij Expert nu



1495.-**

BALIKNECHT STOFZUIGER


type SB 1025
Ongekende zuigkracht. Oprolmechanisme, metalen zuigbuisen en vele hulpstukken. Bij Expert nu voor



299.-

KOELER 160 LITER


Bruto-inhoud van maar liefst 160 liter. Bij Expert nu extra voordelig geprijsd voor slechts



579.-

PANASONIC


WALKMAN type RQ-J 55
Stereo cassette-recorder met CrO2 en metal-tape. Adviesprijs f 160,-. Nu incl. draagriem en hoofdtelefoon voor



129.-

ZANUSSI KOMBIKAST

Schitterende koel/vrieskombinatie. Koelgedeelte van liefst 200 liter. Diepvriesgedeelte van 100 liter. Vier sterren****. Met 3 vriesladen. LAAG ENERGIE-VERBRUIK. Bij Expert voor



899.-

FAMILIE KOELKAST

280 LITER
Bruto-inhoud 280 liter, waarvan 60 liter diepvries. Vier sterren****. Laag energieverbr. Adv. pr. f 1059,-. Bij Expert nu al te koop voor



799.-

EXPERT, JUIST NU EEN BETERE KEUS!

meijer

Prijs- en modelwijzigingen voorbehouden

De Expert Vakzaak Maakt Alles Waar!

25




BERGUM, Schoolstraat 8, tel. 05116-1400
DRACHTEN, Noordkade 17, (Centrum-promenade), tel. 05120-11222
OOSTERWOLDE, 't Oost 4-6, tel. 05160-2220

Expert:
Da's Absolute Zekerheid.


Thuisbezorgen: GRATIS
Garantie: ZWART OP WIT
Service: SNEL & GOED
Informatie: DEMONSTRATE
Klant: IS KONING

Sampie zat op school. Meester stelde een paar vragen. Sampie stak zijn vinger op. ja Sampie, wat is er? waarom stelt meester van die moeilijke vragen? zal ik meester ook eens wat vragen? toen riep hij meester. Wat is het verschil tussen het raamen meester. Dat weet ik niet, zeg het maar, jullie kunnen alebij larsten.

Sjoelke Boersma



Kleurje alle fisken en oare sêbisten yn dizze tekening.



SOSIALE WURKLIST

GROENE KRUIS

Spreekuur S. Hemminga, Bergum: maandag t/m vrijdag tussen 12.30 - 13.30 uur onder nummer 05116 - 1806.

Dienstdoende wijkverpleegkundigen zijn de weekeinden te bereiken van 13.00 tot 14.00 uur en van 18.00 tot 19.00 uur onder nummer 05120 - 12105 te Drachten.

STICHTING GEZINSVERZORGING SMALLINGERLAND

Spreekuur alle werkdagen van 8.30 tot 9.30 uur.

Tel. 05120 - 19005, De Oppers 1b, Drachten.

MAATSCHAPPELIJK WERK SMALLINGERLAND

Spreekuur te Drachten, Berglaan 62, tel. 05120 - 17235, alle werkdagen van 8.30 - 10.00 uur; verder op afspraak.

De gehele dag zijn er medewerkers op de Berglaan aanwezig. De informatie en advieswinkel is elke werkdag geopend van 9.00 - 11.30 uur en van 14.00 - 17.00 uur. Donderdags bovendien van 19.00 - 21.00 uur.

BIBLIOTHEEK

Openingstijden:

Woensdag: 13.30 - 17.00 uur
19.00 - 21.00 uur

Vrijdag: 13.30 - 17.00 uur
19.00 - 21.00 uur

In "It Miensker", Fabrykswei 13a, tel. 1398.

OPENINGSTIJDEN:

POSTKANTOOR

Maandag tot en met vrijdag:

8.30 - 12.00 uur

13.00 - 17.30 uur

Woensdagsmiddags gesloten.

Tel. 05127 - 1258

RABOBANK

9.00 - 12.00 uur

13.30 - 15.30 uur

Donderdagsavonds:

17.00 - 19.00 uur

Tel. 05127 - 1533

NED. MIDD. SPAARBANK en ASS. KANTOOR

It West 3, tel. 05127 - 1296

Open van : 9.00 - 12.00 uur

13.30 - 17.00 uur en op afspraak.

UITVAARTVERENIGING "DE LAATSTE EER" OUDEGA

Inlichtingen over begraving of crematie enz. Afspraken alle werkdagen. Penm. G. Kooistra, Buorren 22, tel. 05127 - 1258. Bode A. van Keimpema, Fabrykswei 17, tel. 05127 - 1206. Denkt u er aan dat kinderen vanaf 18 jaar zelfstandig lid kunnen worden?

DIEREDOKTERS

S. DE BOER, Hegewei 6, De Pein.

Boadskippen 8 - 9 oere. Lytse húsdieren op ôfspraak.

Till. 05127 - 1665.

D.G. RYPKEMA en A.K. VAN DE PAAUW,

G. Boelensstrjitte 120, Drachten.

Sprekoeere 8 - 9 oere, 19.00 - 19.30 oere, útsein freedts.

Till. 05120 - 13757.

WIKE-EINTSJINSTEN HUSDOKTERS

fan freed 17.00 oere oan 't sneintejûn 24.00 oere

26 juny	J.S. Meyboom/F.G. de Boer Kommisjeweï 120	De Pein 05127 - 1261
3 july	C. van Staveren Rondeel 56	Aldegea 05127 - 1262
10 july	J.S. Meyboom/F.G. de Boer Kommisjeweï 120	De Pein 05127 - 1261
17 july	H.J. Amelink Greate Buorren 22	Garyp 05117 - 1264
24 july	J.S. Meyboom/F.G. de Boer Kommisjeweï 120	De Pein 05127 - 1261
31 july	S. Vriesinga Torenlaan 17	Eastermar 05129 - 221

Griff. tsjerke, domeny H.J. Nolles, till. 1223

26 juny	9.30 oere 13.45 oere	ds. H.J. Nolles ds. V.d. Wilde, Oerterp
3 july	10.30 oere 2.00 oere	mienskiplike tsjinst yn 'e griff. tsjerke, ds. Hamoen ds. H.J. Nolles
10 july	9.30 oere 13.45 oere	dhr. A. Kok, Burgum dhr. A. Kok, Burgum
17 july	9.30 oere 13.45 oere	??? dhr. B. de Boer, Ljouwert
24 july	9.30 oere 13.45 oere	ds. H.J. Nolles ds. Stolk, Drachten
31 july	9.30 oere 13.45 oere	dhr. C. Groeneveld, Paterswolde dhr. F. Meijer, Drachten

Herf. tsjerke, domeny J.H. Hamoen, till. 05117 - 1228

26 juny	10.30 oere	ds. Hamoen
3 july	10.30 oere	ds. Hamoen
10 july	10.30 oere	ds. Hamoen
17 july	10.30 oere	ds. Hamoen
24 july	10.30 oere	ds. Hofstra
31 july	10.30 oere	ds. Hollander

HANDELSDRUKWERK

Strooifolders
Prijscouranten
Circulaires
Fakturen
Briefpapier
Kleurendrukwerk
Etc.

*Bij ons heeft U een ruime
keuze uit de meest
originele*

*GEBOORTE-
VERLOVINGS-
HUWELIJKSKAARTEN*

*Deze kaarten kunt U
uitzoeken bij:*

JANKE en BAUKE DE VRIES

Buorren 39a Oudega

Tel. 05127 - 2417

